



Ministerie van Binnenlandse Zaken en
Koninkrijksrelaties

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Tuskenrapportazje Fryske taal en kultuer

Tussenrapportage Friese taal en cultuur

2021





Ynhâld | Inhoud

HAADSTIK 1	Algemien	5
HOOFDSTUK 1	Algemeen	5
HAADSTIK 2	Ûnderwiis	8
HOOFDSTUK 2	Onderwijs	8
HAADSTIK 3	Rjochterlike autoriteiten, bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten	14
HOOFDSTUK 3	Rechterlijke autoriteiten, bestuurlijke autoriteiten en openbare diensten	14
HAADSTIK 4	Media	17
HOOFDSTUK 4	Media	17
HAADSTIK 5	Kulturele aktiviteiten en foarsjennings	19
HOOFDSTUK 5	Culturele activiteiten en voorzieningen	19
HAADSTIK 6	Ekonomysk en sosjaal libben	23
HOOFDSTUK 6	Economisch en sociaal leven	23
HAADSTIK 7	Útwikseling oer de grinzen hinne	25
HOOFDSTUK 7	Grensoverschrijdende uitwisselingen	25
HAADSTIK 8	Einbepalings	28
HOOFDSTUK 8	Slotbepalingen	28



Ynlieding

Mei it yngean fan de Wet gebruik Friese taal op 1 jannewaris 2014 is it Frysk, neist it Nederlânsk, erkend as offisjele taal yn de provinsje Fryslân. It Ryk en de provinsje Fryslân diele op grûn fan harren mienskiplike ferantwurdlikheid en soarchplicht de fisy dat de Fryske taal en kultuer op de langere termyn net allinne garandearre, mar ek oanhâldend befoardere wurde moatte. De Fryske taal is as ûnderdiel fan de regionale identiteit net inkeld in rjocht, mar ek fanselsprekkend. Op grûn fan de wetlike posysje as offisjele taal neist it Nederlânsk yn de provinsje Fryslân, sjogge it Ryk en de provinsje de befoardering fan it Frysk dêrom as in troch rinnende opdracht. De troch it Ryk ratifisearre maatregels fan it Europeeske Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden jilde dêrby as útgangspunt, mar ek de aktuele wetjouwing.

De hjoeddeistige Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) is yn 2019 yngien. Der is ôfpraak om healwei de rintiid de doelstellingen en ynspannings te evaluearjen. Dizze rapportaasje is in werjefte fan levere ynspannings, helle doelen, en oandachtspunten fan alle haadstikken fan de BFTK.

Inleiding

Met de inwerkingtreding van de Wet gebruik Friese taal op 1 januari 2014 is het Fries, naast het Nederlands, erkend als officiële taal in de provincie Fryslân. Het Rijk en de provincie Fryslân delen vanuit hun gezamenlijke verantwoordelijkheid en zorgplicht de visie dat de Friese taal en cultuur op de langere termijn niet alleen gewaarborgd, maar ook bevorderd, moeten blijven worden. De Friese taal is als onderdeel van de regionale identiteit niet enkel een recht, maar tevens een vanzelfsprekendheid. Vanuit de wettelijke positie als officiële taal naast het Nederlands binnen de provincie Fryslân, zien het Rijk en de provincie de bevordering van het Fries daarom als een continue opdracht. De door het Rijk geratificeerde maatregelen van het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden gelden hierbij als uitgangspunt, maar eveneens de actuele wetgeving.

De huidige Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) is sinds 2019 in werking. Er is afgesproken halverwege de looptijd de doelstellingen en inspanningen te evalueren. Deze rapportage is een weergave van geleverde inspanningen, behaalde doelen, en aandachtspunten per hoofdstuk van de BFTK.



Haadstik 1 Algemien

Hoofdstuk 1 Algemeen

It algemiene haadstik fan de BFTK omfettet algemiene ôfspraken oangeande it brûken fan de Fryske taal. It sketst de ambysje fan Ryk en provinsje dat yn 2030 it tal minsken dat it Frysk lêst, skriuwt, praat en ferstiet tanommen is. Ofspraken oangeande û.o. de Taalskipper, finansiering fan taakintensivering by de provinsje en sichtberens fan de Fryske taal binne yn dit haadstik opnommen. Oan it grutste part fan de ôfspraken yn dit haadstik is al útfiering jûn.

Stân fan saken algemiene ôfspraken

It garandearjen en befoarderjen fan it Frysk is in mien-skiplike opdracht fan it Ryk en de provinsje. De wichtichste rol fan de provinsje oangeande de Fryske taal is dy fan Taalskipper, as meast behelle bestjoerslaach primêr ferantwurdlik foar it Frysk. Ryk en provinsje hawwe op bestjoerlik en amtlik nivo geregeld oerlis oer de útfiering fan de ôfspraken, wurkbesiten oan de provinsje Fryslân meitsje dêr ûnderdiel fan út. It ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes (BZK) stelt alle jierren € 150.000,- oan de provinsje beskikber, dy't dat ynset om de taakintensivering nei oanlieding fan it yngean fan de Wet Gebruik Friese

Het algemene hoofdstuk van de BFTK omvat algemene afspraken met betrekking tot het gebruik van de Friese taal. Het schetst de ambitie van Rijk en provincie dat in 2030 het aantal personen dat het Fries leest, schrijft, spreekt en verstaat is toegenomen. Afspraken met betrekking tot o.a. de Taalskipper, financiering van taakintensivering bij de provincie en zichtbaarheid van de Friese taal zijn opgenomen in dit hoofdstuk. Aan het merendeel van de afspraken in dit hoofdstuk is reeds uitvoering gegeven.

Stand van zaken algemene afspraken

De waarborging en bevordering van het Fries is een gezamenlijke opdracht van het Rijk en de provincie. De voornaamste rol van de provincie wat betreft de Friese taal is die van Taalskipper, als meest betrokken bestuurslaag primair verantwoordelijk voor het Fries. Rijk en provincie hebben op bestuurlijk en ambtelijk niveau regelmatig overleg over de uitvoering van de afspraken, werkbezoeken aan de provincie Fryslân maken daar onderdeel van uit. Het ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties (BZK) stelt jaarlijks € 150.000,- aan de provincie ter beschikking, die

taal yn 2014 te realisearjen. Lykas fêstlein is de rol fan Taalskipper healwei de rintiid fan de BFTK yn opdracht fan it ministearje fan BZK evaluearre. De gefolgen fan belied foar Fryske taal en de posysje fan it Frysk by wurkprogramma's en fakatueren binne trochrinnende ôfspraken yn de BFTK. Ryk likegoed as provinsje silleanhâldend omtinken hâlde en freegje foar de Fryske taal en kultuer.

As Taalskipper is de provinsje de primêre taalbringer. Dat betsjut dat de provinsje it Frysk yn al har fasetten útdraacht en befoarderet. Troch de provinsje is yn de ôfrûne jierren ynset op it oanskerpjen en fierder ymplementearjen fan it ynterne taalbelied, en yn 2021 hat it kolleezje fan Deputearre Steaten keazen foar in senario fan fiergeande en funksjonele sichtberens fan it Frysk. De provinsje set folop yn op it fergrutsjen fan de sichtberens fan it Frysk yn de publike romte en stelt dêr ek subsidzje foar beskikber. Nei oanlieding fan aktualiteiten oangeande it brûken fan it Frysk troch de Ryksoerheid en in moasje út de Twadde Keamer, dy't freget om in sichtberheidsakkoart Frysk¹, hat it Ryk it fertaalbelied Ryksoerheid² oanpast. Dat slút ek oan by de makke ôfspraken oer sichtberens yn de BFTK. De ynwenners fan de provinsje Fryslân binne as aparte doelgroep opnommen yn it fertaalbelied fan de Ryksoerheid. Dêrtroch meitsje ministearjes no in eksplisite kar yn it al of net fertalen fan oerheidskommunikaasje nei de Fryske taal.

Yn maaie 2020 hat de provinsje it Meldpunt Frysk ynsteld. Dêr kin melding makke wurde fan it (neilitten) fan it gebrûk fan Frysk troch oerheden, media, ûnderwiis en yn it iepenbiere libben. Dêrby wurdt gearwurke mei Tûmba: it kennisintrum foar diskriminaasjesaken, ferskaat en gelikens. Yn de ôfrûne oardel jier binne der 50 meldings ynkomen. Dat hat û.o. laat ta in skerper yntern taalbelied by de provinsje Fryslân en mear omtinken foar it brûken fan de Fryske taal by ferskate oerheden. De provinsje achtet it Meldpunt fan tafoege waarde en sil dêrmei fierder gean.

Op it mêd fan digitale helpmiddels binne der ferskate projekten úteinset, guon ynspannings dêrfan hawwe al ta nije tapassings laat. Dat binne bygelyks it opnimmen fan Frysk as yntegrale taal

1 Kamerstukken II, 2020-21, 35 570 VII nr. 75

2 <https://www.communicatierijk.nl/vakkennis/inclusieve-communicatie/documenten/publicaties/2021/05/28/vertaalbeleid-rijksoverheid>

dat inzet om de taakintensivering naar aanleiding van de in 2014 in werking getreden Wet gebruik Friese taal te realiseren. Zoals vastgelegd is de rol van Taalskipper halverwege de looptijd van de BFTK geëvalueerd in opdracht van het ministerie van BZK. De gevolgen van beleid voor Friese taal en de positie van het Fries bij werkprogramma's en vacatures zijn doorlopende afspraken in de BFTK. Zowel Rijk als provincie blijven aandacht houden en vragen voor de Friese taal en cultuur.

Als Taalskipper is de provincie de primaire taalbrenger. Dit betekent dat de provincie het Fries in al haar facetten uitdraagt en bevordert. Door de provincie is de afgelopen jaren ingezet op een aanscherping en verdere implementatie van het interne taalbeleid, en in 2021 heeft het college van Gedeputeerde Staten gekozen voor een scenario van vergaande en functionele zichtbaarheid van het Fries. De provincie zet volop in op het vergroten van de zichtbaarheid van het Fries in de publieke ruimte en stelt daar eveneens subsidie voor beschikbaar. Naar aanleiding van actualiteiten rondom het gebruik van het Fries door de Rijksoverheid en een motie vanuit de Tweede Kamer die vraagt om een zichtbaarheidsakkoord Fries¹, heeft het Rijk het vertaalbeleid Rijksoverheid² aangepast. Dit sluit ook aan bij de gemaakte afspraken over zichtbaarheid in de BFTK. De inwoners van de provincie Fryslân zijn als aparte doelgroep opgenomen in het vertaalbeleid van de Rijksoverheid. Hierdoor maken ministeries nu een expliciete keuze in het al dan niet vertalen van overheidscommunicatie naar de Friese taal.

In mei 2020 heeft de provincie het Meldpunt Frysk ingesteld, waar melding gemaakt kan worden van het (nalaten) van het gebruik van Fries door overheden, media, onderwijs en het openbare leven. Hierbij wordt samengewerkt met Tûmba: het kenniscentrum voor discriminatiezaken, diversiteit en gelijkheid. In de afgelopen anderhalf jaar zijn er 50 meldingen binnengekomen. Dit heeft o.a. geleid tot een scherper intern taalbeleid bij de provincie Fryslân en meer aandacht voor het gebruik van de Friese taal bij diverse overheden. De provincie acht het Meldpunt van toegevoegde waarde en zal het continueren.

Op het gebied van digitale hulpmiddelen zijn er verscheidene projecten opgestart, waarvan sommige

1 Kamerstukken II, 2020-21, 35 570 VII nr. 75

2 <https://www.communicatierijk.nl/vakkennis/inclusieve-communicatie/documenten/publicaties/2021/05/28/vertaalbeleid-rijksoverheid>

yn Microsoft Office, in nij online Frysk-Nederlânsk wurdboek, en in gearwurking mei Mozilla Common Voice om in open source database gear te stallen foar it sprutsen Frysk. Dy digitale helpmiddels drage by oan in lykwaardige en folwaardige posysje fan it Frysk.

Neffens de BFTK is der ûndersyk útfierd nei de tafoege wearde fan it omsetten fan de Wet gebruik Friese taal nei in ramtwet en nei mooglik ekstra te ratifisearjen kêsten út it Europeesk Hânfêst. De oanrekommandasjes út it rapport fan advysburo Pro Facto³ wurde troch de provinsje mei it Ryk bepraat.

Ferfolchaksjes algemiene ôfspraken

Oangeande noch net folslein neikommen algemiene ôfspraken sette provinsje en Ryk yn de restearjende rintiid fan de BFTK yn op it neilibjen fan de neikommende ôfspraken:

- 1.5 Sichtberens Fryske taal (Ryk/provinsje): it Ryk en de provinsje bliuwe yn petear oer de sichtberens fan de Fryske taal. In foarbyld dêrfan is it meikoarten te sluten sichtberheidsakkoart oer de sichtberens fan de Fryske taal yn Rykskantoaren yn de provinsje Fryslân en yn kommunikaasjeterings. De provinsje bringt dêrneist yn kaart op hokker mêd ekstra ynset op sichtberens fan it Frysk winsklik wêze soe. Nei oanlieding dêrfan wurdt it petear fierd oer wêr't it Ryk mooglik ekstra op ynsette kin, yn aparte ôfspraken of ôfspraken yn kommende BFTK.
- 1.9 Undersyk ramtwet Fryske taal (provinsje) en 1.11 Undersyk net ratifisearre kêsten Europeesk Hânfêst: lykas neamd binne dy ûndersiken al ôfsletten. De provinsje nimt it inisjatyf ta in petear mei it Ryk oer de útkomsten fan dat ûndersyk.

³ <https://www.pro-facto.nl/>

inspanningen al tot nieuwe toepassingen hebben geleid. Dit zijn bijvoorbeeld het opnemen van Fries als integrale taal in Microsoft Office, een nieuw online Frysk-Nederlands woordenboek, en een samenwerking met Mozilla Common Voice om een open source database samen te stellen voor gesproken Fries. Deze digitale hulpmiddelen dragen bij aan een gelijkwaardige en volwaardige positie van het Fries.


Conform de BFTK is er een onderzoek uitgevoerd naar zowel de toegevoegde waarde van het omzetten van de Wet gebruik Friese taal naar een kaderwet, als naar mogelijk extra te ratificeren artikelen uit het Europees Handvest. De aanbevelingen uit het rapport van adviesbureau Pro Facto³ worden door de provincie met het Rijk besproken.

Vervolgacties algemene afspraken

Met betrekking tot nog niet volledig nagekomen algemene afspraken zetten provincie en Rijk in de resterende looptijd van de BFTK in op de volgende naleving van afspraken:

- 1.5 Zichtbaarheid Friese taal (Rijk/provincie): het Rijk en de provincie blijven in gesprek over de zichtbaarheid van de Friese taal. Een voorbeeld hiervan is het binnenkort te sluiten zichtbaarheidsakkoord over de zichtbaarheid van de Friese taal in Rijkskantoren in de provincie Fryslân en in communicatie-uitingen. De provincie brengt daarnaast in kaart op welk terrein extra inzet op zichtbaarheid van het Fries wenselijk zou zijn. Naar aanleiding hiervan wordt het gesprek gevoerd over waar het Rijk eventueel extra op kan inzetten, in aparte afspraken of afspraken in de volgende BFTK.
- 1.9 Onderzoek kaderwet Friese taal (provincie) en 1.11 Onderzoek niet geratificeerde artikelen Europees Handvest: zoals genoemd zijn deze onderzoeken reeds afgerond. De provincie neemt het initiatief tot gesprek met het Rijk over de uitkomsten van dit onderzoek.

³ <https://www.pro-facto.nl/>



Haadstik 2 Ûnderwiis

Hoofdstuk 2 Onderwijs

It oanbieden fan it fak Fryske taal en kultuer is in ferplichting yn it primêr ûnderwiis en de ûnderbouw fan it fuortset ûnderwiis. Ek bestiet de mooglikheid om skoaleksamen en sintraal eksamen yn de Fryske taal en kultuer ôf te lizzen, al wurdt dy mooglikheid noch net op alle skoalokaasjes bean. De keardoelen dy't oanbean wurde moatte binne yn de Wet op het Primair Onderwijs (WPO) en de Wet op het Voortgezet Onderwijs (WVO) ferankere. Yn de oare ûnderwiissektoaren is it oanbieden fan it Frysk net ferplichte, mar is der wol in rom aanbod fan aktiviteiten, netwurken, projekten, materialen, (nei)skoalling en begeliedingsmooglikheden om it aanbod Fryske taal en kultuer te ferankerjen en út te wreidzjen.

Sûnt 2014 hat de provinsje Fryslân fan de Ryksoerheid twa foegen oerdroegen krige. Dat giet om it foech fan Deputearre Steaten fan Fryslân om ûnthefing foar it fak Frysk te ferlienen. Dat is sûnt 2014 ek mooglik foar in part fan de keardoelen, earder wie it allinne mooglik om folsleine ûnthefing te ferlienen. Oan dat foech wurdt, fuortkommend út in yn 2015 publisearre beleidsregel, útfiering jûn troch alle skoallen dy't ûnder de WPO en de WVO falle ienris yn 'e fjouwer te besykjen en te rapportearjen oer hokker keardoelen

Het aanbieden van het vak Friese taal en cultuur is een verplichting in het primair onderwijs en de onderbouw van het voortgezet onderwijs. Tevens bestaat de mogelijkheid om schoolexamen en centraal examen af te leggen in de Friese taal en cultuur, al wordt deze mogelijkheid nog niet op alle schoollocaties geboden. De kerndoelen die aangeboden moeten worden zijn verankerd in de Wet op het Primair Onderwijs (WPO) en de Wet op het Voortgezet Onderwijs (WVO). In de overige onderwijssectoren is het aanbieden van het Fries niet verplicht, maar is er wel een ruim aanbod activiteiten, netwerken, projecten, materialen, (na)scholing en begeleidingsmogelijkheden om het aanbod Friese taal en cultuur te verankeren en uit te breiden.

Sinds 2014 heeft de provincie Fryslân een tweetal bevoegdheden overgedragen gekregen van de Rijksoverheid. Dat gaat om de bevoegdheid van Gedeputeerde Staten van Fryslân om ontheffing te verlenen voor het vak Fries. Dat is sinds 2014 ook mogelijk voor een gedeelte van de kerndoelen, daarvoor was het alleen mogelijk om volledige ontheffing te verlenen. Aan deze bevoegdheid wordt, gestoeld op een in 2015 gepubliceerde beleidsregel, uitvoering gegeven door alle scholen die onder de WPO en de WVO vallen vier-

oft sy foldwaande oanbiede. Ek hawwe Provinsjale Steaten fan Fryslân it foech krige om de keardoelen foar it Frysk fêst te stellen. It foech ta it fêststellen fan de eintermen foar it Frysk is net oan de provinsje oerdroegen, dat is in foech fan it Ryk.

It ûnderwiishaadstik fan de BFTK omfettet ôfspraken oangeande de foarskoalske perioade, it primêr en fuortset ûnderwiis, skoallen dy't ûnder de WEC falle, it heger ûnderwiis en ûnderwiisstipe. Utgangspunten by dy ôfspraken binne goed oanslutend ûnderwiis yn de Fryske taal, goed en foldwaande lesmateriaal, opliedingsmooglikheden, foldwaande en kwalitatyf goede mooglikheden foar hifking en evaluaasje en struktureel tafersjoch op it fak Frysk troch de Underwiisynspeksje. Oan it grutste part fan de ôfspraken yn dat haadstik is al útfiering jûn.

Stân fan saken ôfspraken ûnderwiis

Yn de perioade 2019-2021 hat der oanhâldend omtinken west foar it yn stân hâlden en fuortsterkjen fan de basisynfrastruktuer fan it Frysk yn it ûnderwiis. Dat as gefolch fan 'e Taalplan Frysk⁴-nultmjitting dy't yn 2018 troch de provinsje útfierd is oer de stân fan saken fan it Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis.⁵ De ienmjitting wurdt yn de skoaljierrren 2020-2021 en 2021-2022 útfierd. Medio 2022 wurdt der oan de provinsje oer de útkomsten rapportearre. Under de projektnamme Taalplan Frysk 2030 wurdt der op grûn fan it byld dat troch de nultmjitting ûntstien is, wurke oan beliedsdoelen foar de langere termyn. Dêrby wurdt ek in trochgeande learline Frysk neistribbe. Yn dat ljocht binne der net allinne beliedsdoelen foar it primêr en fuortset ûnderwiis (dêr't it Frysk in ferplichte fak is en dêr't de nul- en ienmjitting útfierd wurde), mar ek foar de foarskoalske sektor, it mbo, hbo/wo en so. Wichtich ûnderdiel fan it Taalplan Frysk 2030 is in yntinsivearre begeliedingsstruktuer. Dêrby wurde skoallen troch in Skoalstiper en fia in maatwurktrajekt holpen by it ferstevigjen fan it ûnderwiisoanbod Fryske taal en kultuer. Fierder is it omtinken foar de skriftlike taalbehearskingsnivo's en it ta stân bringen fan in trochgeande lê- en skriuwlâne yntinsivearre. Der binne ferskate aktiviteiten ûntwikkele en útfierd dy't oandacht freegje foar bewustwurding by skoallen,

4 <https://taalplan.frl/taalplan-nl/>

5 Presentatie rapport: "It is mei sizzen net te dwaan", <https://taalplan.frl/it-is-mei-sizzen-net-te-dwaan/>

jaarlijks te bezoeken en te rapporteren welke kerndoelen zij voldoende aanbieden. Tevens hebben Provinciale Staten van Fryslân de bevoegdheid gekregen om de kerndoelen voor het Fries vast te stellen. De bevoegdheid tot het vaststellen van de eindtermen voor het Fries is niet overgedragen aan de provincie, dat is een bevoegdheid van het Rijk.

Het onderwijshoofdstuk van de BFTK omvat afspraken met betrekking tot de voorschoolse periode, het primair en voortgezet onderwijs, scholen vallend onder de WEC, het hoger onderwijs en onderwijsondersteuning. Uitgangspunten bij deze afspraken zijn goed aansluitend onderwijs in de Friese taal, goed en voldoende lesmateriaal, opleidingsmogelijkheden, voldoende en kwalitatief goede mogelijkheden voor toetsing en evaluatie en structureel toezicht op het vak Fries vanuit de Onderwijsinspectie. Aan het merendeel van de afspraken in dit hoofdstuk is reeds uitvoering gegeven.

Stand van zaken afspraken onderwijs

In de periode 2019-2021 is er continu aandacht geweest voor het in stand houden en versterken van de basisinfrastructuur van het Fries in het onderwijs. Dit als uitvloeisel van de Taalplan Frysk⁴-nultmeting die in 2018 is uitgevoerd door de provincie over de stand van zaken van het Fries in het primair en voortgezet onderwijs.⁵ De éénmeting wordt in de schooljaren 2020-2021 en 2021-2022 uitgevoerd. Medio 2022 wordt er aan de provincie Fryslân gerapporteerd over de uitkomsten. Onder de projectnaam Taalplan Frysk 2030 wordt er vanuit het beeld dat door de nultmeting is ontstaan, gewerkt aan beleidsdoelen voor de langere termijn. Hierbij wordt ook een doorgaande leerlijn Fries nagestreefd. In dat licht zijn er niet alleen beleidsdoelen voor het primair en voortgezet onderwijs (waar het Fries een verplicht vak is en waar de nul- en éénmetingen worden uitgevoerd), maar ook voor de voorschoolse sector, het mbo, hbo/wo en so. Belangrijk onderdeel van het Taalplan Frysk 2030 is een geïntensiverde begeleidingsstructuur. Daarbij worden scholen door een Skoalstiper (schoolondersteuner) en via een maatwerktrajekt geholpen bij het verstevigen van het onderwijsaanbod Friese taal en cultuur. Verder is de aandacht voor de schriftelijke taalbeheersingsniveaus en het tot stand brengen van een doorgaande lees- en schrijflijn geïntensiveerd. Er zijn

4 <https://taalplan.frl/taalplan-nl/>

5 Presentatie rapport: "It is mei sizzen net te dwaan", <https://taalplan.frl/it-is-mei-sizzen-net-te-dwaan/>

harren learlingen en âlden.⁶ Sûnt 2021 is der binnen Taalplan Frysk 2030 struktureel omtinken foar bewust-wurdig yn alle ûnderwiissektoaren en foar ferskate doelgroepen. Yn it mbo wurdt ek it bedriuwslibben meinommen.

De provinsje hat yn de ôfrûne jierren flink yn de realisasje fan twatalige lokaasjes foar pjutte- en berne-opfang ynvestearre. Begjin 2021 wie it tal twatalige lokaasjes nei 265 groeid. Dêrneist wurdt der sribbe nei in goede sprieding fan de twatalige lokaasjes, sadat ôfstân gjin behindering is om bern nei in twatalige opfang te bringen. Taaloerdracht is en bliuwt in wichtich ûnderdiel fan it wurk yn de foar-skoalske sektor. De trochgeande learline is in wichtich oandachtspunt yn it Taalplan Frysk 2030. Aktiviteiten moatte bydrage oan de stelde beliedsdoelen, lykas de optimalisasje fan de oergong tusken de ferskate ûnderwiissektoaren.

It netwurk 3ts (trijetalige skoallen yn it po) kriget yn de trochûntwikkeling fan Taalplan Frysk 2030 wat in oare rol, omdat no alle skoallen foldwaan moatte oan de wetlike keardoelen foar it Frysk. 3ts wol de kwaliteit yn it besteande netwurk fan sertifisearre skoallen fergrutsje, sadat dy skoallen in ynspiraasje foar oare skoalle foarmje kinne. Kwantitative groei is dêrby fan minder belang. Dêrom wurdt nei ferwachting de stelde 30% groei noch net realisearre, mar is it omtinken foar it Frysk op skoallen troch de ferplichte trochûntwikkeling fan Taalplan Frysk 2030 wol tanommen.

It meartalich fuortset ûnderwiis wurdt trochset. Op it stuit binne der fjouwer skoallen by it netwurk oansletten. De bedoeling is dat yn de kommende perioade nei seis dielnimmende skoallen groei te litten.

Troch it demisjonêr reitsjen fan it kabinet is it projekt Curriculum.nu kontroversjeel ferklearre. De planning en wurkwize binne dêrom op it stuit noch ûnwis. Dêrom is ek it Fryske traject Kurrikulum.frl fertrage, hoewol't ein 2020 de boustiennen foar de Fryske keardoelen oplevere binne.

De ûnderwiisynspeksje hat yn de ôfrûne perioade op stimulearjende wize omtinken frege foar de kwaliteit

verskillende aktiviteiten ontwikkeld en uitgevoerd die aandacht vragen voor bewustwording bij scholen, hun leerlingen en ouders.⁶ Sinds 2021 is er binnen Taalplan Frysk 2030 structureel aandacht voor bewustwording binnen alle onderwijssectoren en voor verschillende doelgroepen. In het mbo wordt tevens het bedrijfsleven meegenomen.

De provincie heeft de afgelopen jaren flink geïnvesteerd in de realisatie van tweetalige locaties voor peuter- en kinderopvang. Begin 2021 was het aantal tweetalige locaties gegroeid tot 265. Daarnaast wordt er gestreefd naar een goede spreiding van de tweetalige locaties, zodat afstand geen belemmering is om kinderen naar een tweetalige opvang te brengen. Taaloverdracht is en blijft een belangrijk onderdeel van het werk binnen de voorschoolse sector. De doorgaande leerlijn is een belangrijk aandachtspunt binnen het Taalplan Frysk 2030. Activiteiten dienen bij te dragen aan de gestelde beleidsdoelen, zoals de optimalisatie van de overgang tussen de verschillende onderwijssectoren.

Het netwerk 3ts (drietalige scholen in het po) krijgt binnen de doorontwikkeling van Taalplan Frysk 2030 een iets andere rol, omdat nu alle scholen moeten gaan voldoen aan de wettelijke kerndoelen voor het Fries. 3ts wil de kwaliteit binnen het bestaande netwerk van gecertificeerde scholen vergroten, zodat die scholen een inspiratie kunnen vormen voor andere scholen. Kwantitatieve groei is daarbij van ondergeschikt belang. Daarom wordt naar verwachting de gestelde 30% groei nog niet gerealiseerd, maar is de aandacht voor het Fries op scholen door de verplichte doorontwikkeling van Taalplan Frysk 2030 wel toegenomen.

Het meertalig voorgezet onderwijs wordt voorgezet. Op dit moment zijn er vier scholen aangesloten bij het netwerk. De bedoeling is dit de komende periode te laten groeien tot zes deelnemende scholen.

Door het demissionair raken van het kabinet is het project Curriculum.nu controversieel verklaard. De planning en werkwijze zijn daarom op dit moment nog onzeker. Daarom is ook het Friese traject Kurrikulum.frl vertraagd, hoewel eind 2020 de bouwstenen voor de Friese kerndoelen zijn opgeleverd.

⁶ Foarbylden fan aktiviteiten dy't bydrage oan in grutter taalbewustwêzen binne: de ynset fan memmetaalsprekkers, it projekt Taal fan it hert rjochte op de persoanlike betsjutting fan taal en meartaligens, it projekt Ynspirearjend Meartalich Underwiis en eveneminten as it Sjongfestival.

⁶ Voorbeelden van activiteiten die bijdragen aan een verhoogd taalbewustzijn zijn: de inzet van memmetaalsprekkers, het project Taal fan it hert gericht op de persoonlijke betekenis van taal en meertaligheid, het project Ynspirearjend Meartalich Underwiis en evenementen als het Sjongfestival.

fan it Frysk yn it ûnderwiis. Yn 2019 hat de ûnderwiisynspeksje de temarapportazje 'Sizzen is neat, dwaan is in ding' oer it Frysk yn it ûnderwiis oplevere, mei oanrekommandaasjes oangeande dat fak. Dêr wurdt troch de provinsje Fryslân yn de beliedsútfiering passend gefolch oan jûn. Sa binne in tal oanrekommandaasjes ûnderdiel wurden fan de realisaasjeplannen binnen Taalplan Frysk 2030 en hat de provinsje de kontakten mei skoalbestjoeren en -koepels oanhelle. Yn 2020 hawwe Ryk en provinsje de mooglikheden ûndersocht om ek foar it mbo in Materiële Ynstânhâlding Frysk (foar de bekostiging fan Frysk lesmateriaal) yn te stellen. It ministearje fan OCW hat wilens tasein foar de jierren 2021, 2022 en 2023 budzjet Materiële Ynstânhâlding Frysk (MYF-jild) foar it mbo beskikber te stellen. De ferwachting is dat ein 2021 in konseptregeling troch de provinsje opsteld wurde kin om MYF-jild oan Fryske mbo-skoallen út te kearen.

Ek it ûntwikkeljen fan taalbelied is ûnderdiel fan de plannen foar it mbo en de petearen tusken provinsje en ROC's. Dêrneist is der in stjoergroep Frysk yn it mbo oprjochte, dy't op strategysk nivo doelstellings formulearje kin en dy dêrnei yn de eigen organisaasje útsette kin. Yn dy stjoergroep sitte de mbo-ynstellingen, de Afûk, de ûnderwiisbeliedingstsjinst Cedin en de provinsje Fryslân. De stjoergroep hat in wichtige rol spile yn it opstellen fan it realisaasjeplan mbo yn it Taalplan Frysk. Ek is der út de stjoergroep fuortkommen dat op alle mbo-ynstellingen in koördinator Frysk oansteld wurdt. De koördinator soarget foar ynterne stjoering, ferbining tusken de ûnderskate ûnderwiisynstellingen, soarget foar ûntwikkeling en ymplementaasje fan taalbelied en de oanstjoering fan wurkgroepen ferantwurdlik foar û.o. it omtinken foar Fryske taal en kultuer by boargerskipsfoarming en de op it berop rjochte kontekst. De ynset fan de koördinatoaren yn 2022 wurdt finansjeel troch de provinsje Fryslân stipe.

Op it mbo likegoed as op it hbo wurdt wurke oan it ferstevigen fan de posysje en trochgeande learline fan it Frysk. Oansluting út it vo wei en de tarieding op it wurkjen en selsstannich libjen yn in meartalich fermidden steane sintraal. De provinsje hat it mooglik makke dat mbo-ynstellingen, neist vo-skoallen, gebrûk meitsje kinne fan de regeling Lesoeren Frysk, wêrby't skoallen finansjeel yn 'e mjitte kommen wurde by it oanbieden fan Fryske les nei it earste learjier yn it vo. Mbo-ynstellingen jouwe lykwols oan dat de besteande

De ûnderwiisinspectie heeft de afgelopen periode op stimulerende wijze aandacht gevraagd voor de kwaliteit van het Fries in het onderwijs. In 2019 heeft de onderwijsinspectie de themarapportage 'Sizzen is neat, dwaan is in ding' over het Fries in het onderwijs opgeleverd, met aanbevelingen ten aanzien van dat vak. Daar wordt door de provincie Fryslân passend gevolg aan gegeven in de beleidsuitvoering. Zo zijn een aantal aanbevelingen onderdeel geworden van de realisatieplannen binnen Taalplan Frysk 2030 en heeft de provincie de contacten met schoolbesturen en -koepels aangehaald. In 2020 hebben Rijk en provincie de mogelijkheden onderzocht om ook voor het mbo een Materiële Instandhouding Fries (voor de bekostiging van Fries lesmateriaal) in te stellen. Het ministerie van OCW heeft intussen toegezegd voor de jaren 2021, 2022 en 2023 budget Materiele Instandhouding Fries (MIF-gelden) voor het mbo beschikbaar te stellen. De verwachting is dat eind 2021 een conceptregeling door de provincie opgesteld kan worden om MIF-gelden aan Friese mbo-scholen uit te keren.

Ook het ontwikkelen van taalbeleid is onderdeel van de plannen voor het mbo en de gesprekken tussen provincie en ROC's. Daarnaast is er een stuurgroep Fries in het mbo opgericht die op strategisch niveau doelstellingen kan formuleren en dit vervolgens binnen de eigen organisatie kan uitzetten. In die stuurgroep zitten zowel de mbo-instellingen als de Afûk, de onderwijsbegeleidingsdienst Cedin en de provincie Fryslân. De stuurgroep heeft een belangrijke rol gespeeld in het opstellen van het realisatieplan mbo binnen het Taalplan Frysk. Ook is er uit de stuurgroep voortgekomen dat op elke mbo-instelling een coördinator Fries wordt aangesteld. De coördinator zorgt voor interne sturing, verbinding tussen de verschillende onderwijsinstellingen, draagt zorgt voor ontwikkeling en implementatie van taalbeleid en de aansturing van werkgroepen verantwoordelijk voor o.a. de aandacht voor Friese taal en cultuur bij burgerschapsvorming en de beroepsgerichte context. De inzet van de coördinatoren in 2022 wordt financieel ondersteund door de provincie Fryslân.

Zowel op het mbo als op het hbo wordt gewerkt aan het versterken van de positie en doorgaande leerlijn van het Fries. Aansluiting vanuit het vo en de voorbereiding op werken en zelfstandig leven in een meertalige omgeving staan centraal. De provincie heeft het mogelijk gemaakt dat mbo-instellingen, naast vo-scholen, gebruik kunnen maken van de regeling Lesoeren Frysk,

mooglikheden yn dy regeling net goed genôch op harren ûnderwiispraktyk oanslute. De provinsje sil de regeling evaluearje en as dat nedich is oanpasse.

Neist de regeling *Lesoeren Frysk* hat de provinsje Fryslân yn 2021 de regeling *Frysk foar no en letter* ynrjochte. Dy regeling is foar alle ûnderwiissektoaren tagonklik. Skoallen kinne oanfragen dwaan foar aktiviteiten en materialen dy't bydrage oan it fuortsterkjen fan de posysje fan it ûnderwiis oanbod Frysk, strikend mei de doelstellingen fan it Taalplan Frysk 2030. Sa is der finansiering beskikber foar learaktiviteiten fan dosinten (ynklusyf it frij roasterjen ornearre foar it folgjen fan oplieding en neiskoalling), it meidwaan oan kulturele aktiviteiten en de oanskaf fan materialen.

Yn de ôfrûne twaenheal jier is der mear as ien kear op ferskate nivo's praat mei NHL-Stenden Hogeschool oer it Foech Frysk. Yn it Taalplan Frysk 2030 is oerienkommen dat alle studinten fan de pabo oan de NHL-Stenden Hogeschool fan skoaljier 2020-2021 ôf it Foech Frysk ferplichte folgje. Yn de Kennisbasis fan de hegeskoalle stiet dúdlik omskreaun hokker betingsten der oan it heljen fan it Foech Frysk steld wurde. Dêrneist is der hieltyd mear omtinken foar it Frysk as ynstruksje- en fiertaal by oare fakken op NHL-Stenden Hogeschool. Ek wurdt ûndersocht oft it oanbod Fryske taal en kultuer yn it wittenskiplik ûnderwiis bestindige wurde kin troch it oprjochtsjen fan in nije masteroplieding Frisistyk. De provinsje hat dêr geregeld kontakt oer mei de Ryksuniversiteit Grins (RUG). It Ryk stelt fia subsydzje fan it ministearje fan BZK jild beskikber oan de RUG foar it yn stân hâlden fan de learstoel Fryske taal- en letterkunde. Yn 2019 en 2020 is it lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid opnommen yn de provinsjale basisfoarsjenning en ynpast yn de ûnderdielen fan de Stenden Hogeschool Leeuwarden fan it Taalplan Frysk 2030.

Ferfolchaksjes ôfspraken ûnderwiis

Oangeande noch net folslein neikommen ôfspraken oangeande ûnderwiis sette provinsje en Ryk yn de restearjende rintiid fan de BFTK yn op it neilbjen fan neikommende ôfspraken:

- Kêst 2.1.2 Foech Frysk (Ryk/provinsje): Yn de ôfrûne twaenheal jier is der meardere kearen op ferskate nivo's mei NHL-Stenden Hogeschool praat

waarbij scholen financieel tegemoetgekomen worden bij het aanbieden van Friese les na het eerste leerjaar in het vo. Mbo-instellingen geven echter aan dat de bestaande mogelijkheden binnen die regeling niet goed genoeg aansluiten op hun onderwijspraktijk. De provincie zal de regeling evalueren en waar nodig aanpassen.

Naast de regeling *Lesoeren Frysk* heeft de provincie Fryslân in 2021 de regeling *Frysk foar no en letter* ingericht. Die regeling is toegankelijk voor alle onderwijssectoren. Scholen kunnen aanvragen doen voor activiteiten en materialen die bijdragen aan het versterken van de positie van het onderwijsaanbod Fries, in lijn met de doelstellingen van het Taalplan Frysk 2030. Zo is er financiering beschikbaar voor leeractiviteiten van docenten (inclusief het vrij roosteren ten gunste van het volgen van opleiding en nascholing), deelname aan culturele activiteiten en de aanschaf van materialen.

De afgelopen tweeënhalve jaar is er meerdere keren op verschillende niveaus gesproken met NHL-Stenden Hogeschool over de Bevoegdheid Fries. Binnen het Taalplan Frysk 2030 is overeengekomen dat alle studenten van de pabo aan de NHL-Stenden Hogeschool vanaf schooljaar 2020-2021 het Foech Frysk verplicht volgen. In de Kennisbasis van de hogeschool staat duidelijk omschreven welke voorwaarden er gesteld worden aan het behalen van het Foech Frysk. Daarnaast is er in toenemende mate aandacht voor het Fries als instructie- en voertaal bij andere vakken op NHL-Stenden Hogeschool. Eveneens wordt onderzocht of het aanbod Friese taal en cultuur in het wetenschappelijk onderwijs bestindigd kan worden door het oprichten van een nieuwe masteropleiding Frisistiek. De provincie heeft hierover regelmatig contact met de Rijksuniversiteit Groningen (RUG). Het Rijk stelt via subsidie van het ministerie van BZK geld beschikbaar aan de RUG voor de instandhouding van de leerstoel Friese taal- en letterkunde. In 2019 en 2020 is het lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid opgenomen in de provinciale basisvoorziening en ingebed binnen de onderdelen van de Stenden Hogeschool Leeuwarden van het Taalplan Frysk 2030.

Vervolgacties afspraken onderwijs

Met betrekking tot nog niet volledig nagekomen afspraken met betrekking tot onderwijs zetten provincie en Rijk in de resterende looptijd van de BFTK in op de volgende naleving van afspraken:

oer it Foech Frysk. Yn it Taalplan Frysk 2030 is oerienkommen dat alle studinten fan de pabo oan de NHL-Stenden Hogeschool fan skoaljier 2020-2021 ôf it Foech Frysk ferplichte folgje.

- Kêst 2.1.3 Learareregister (Ryk/provinsje): It learareregister is in lanlik projekt dêr't mei ophâlden is. It opnimmen fan it foech Frysk dêryn is dan ek in doel dat net mear te realisearjen is.
- Kêst 2.2.2 Ferankering en boarging fan it Frysk yn de foarskoalske foarsjennings (Ryk/provinsje): de provinsje bliuwt yn petear oer it brûken fan de Fryske taal mei oanbieders yn de berne-opfangsektor. Dêrneist makket foarskoalske edukaasje diel út fan it Taalplan Frysk.
- Kêst 2.3.3 Lesmateriaal (Ryk/provinsje): Mei de ferskate ûnderwiisinstellingen binne ôfspraken makke oer it trochûntwikkeljen fan besteande materialen en it fierder útwreidzjen fan it aanbod. Der is noch gjin aksje ûndernommen om te besjen oft eigenmakke materiaal op it nasjonale platform diel wurde kin en der is ek noch gjin ûndersyk yn gong set nei de betingsten foar lesmateriaal yn it fuortset ûnderwiis.
- Kêst 2.5.1 Undersyk ferlet gebrûk Frysk (provinsje): Dat is yn kaart brocht troch ûnderwiisbegeleidingstsjinst Cedin. It ferlet is meinommen yn it realisasieplan spesjaal ûnderwiis yn Taalplan Frysk 2030.
- Kêst 2.6.6 Lesmateriaal mbo (Ryk/provinsje): de provinsje hat, sa wurdt ferwachte, ein 2021 in konseptfersy foar in MYF-regeling foar it mbo klear.
- Kêst 2.8.6 Netwurk trijetalige skoallen (provinsje): de provinsje set yn op kwalitative ûntwikkeling fan trijetalige skoallen. It kwantitative doel fan 30% learlingen yn trijetalich ûnderwiis wurdt loslitten, omdat alle skoallen oan de wetlike keardoelen foar it Frysk foldwaan moatte.

- Artikel 2.1.2 Bevoegdheid Fries (Rijk/provincie): De afgelopen tweeënhalve jaar is er meerdere keren op verschillende niveaus gesproken met NHL-Stenden Hogeschool over de Bevoegdheid Fries. Binnen het Taalplan Frysk 2030 is overeengekomen dat alle studenten van de pabo aan de NHL-Stenden Hogeschool vanaf schooljaar 2020-2021 het Foech Frysk verplicht volgen.
- Artikel 2.1.3 Lerarenregister (Rijk/provincie): Het lerarenregister is een landelijk project dat gestaakt is. Het opnemen van de bevoegdheid Fries hierin is dan ook geen realiseerbaar doel meer.
- Artikel 2.2.2 Verankering en borging van het Fries in de voorschoolse voorzieningen (Rijk/provincie): de provincie blijft in gesprek over het gebruik van de Friese taal met aanbieders in de kinderopvangsector. Daarnaast maakt voorschoolse educatie deel uit van het Taalplan Frysk.
- Artikel 2.3.3 Lesmateriaal (Rijk/provincie): Met de verschillende onderwijsinstellingen zijn afspraken gemaakt over het doorontwikkelen van bestaand materiaal en het verder uitbreiden van het aanbod. Er is nog geen actie ondernomen om te bekijken of eigengemaakt materiaal gedeeld kan worden op het nationale platform en er is ook nog geen onderzoek in gang gezet naar de voorwaarden voor lesmateriaal in het voortgezet onderwijs.
- Artikel 2.5.1 Onderzoek behoefte gebruik Fries (provincie): Dit is in kaart gebracht door onderwijsbegeleidingsdienst Cedin. De behoeften zijn meegenomen in het realisatieplan speciaal onderwijs binnen Taalplan Frysk 2030.
- Artikel 2.6.6 Lesmateriaal mbo (Rijk/provincie): de provincie heeft naar verwachting eind 2021 een conceptversie voor een MIF-regeling voor het mbo gereed.
- Artikel 2.8.6 Netwerk drietalige scholen (provincie): de provincie zet in op kwalitatieve ontwikkeling van drietalige scholen. Het kwantitatieve doel van 30% leerlingen in drietalig onderwijs wordt losgelaten, omdat alle scholen moeten gaan voldoen aan de wettelijke kerndoelen voor het Fries.

Grote Zitting Zaal

U heeft het recht om op de zitting Fries te spreken
Jo hawwe it rjocht om op 'e sitting Frysk te praten

Haadstik 3

Rjochterlike autoriteiten, bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten

It haadstik rjochterlike autoriteiten, bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten giet út fan de yn de Wet gebruik Friese taal fêstleine rjochten oangeande it gebrûk fan it Frysk yn it bestjoerlik en rjochtsferkear. Yn it ramt fan de ôfspraken yn de BFTK wurdt mei de oanbelangjende autoriteiten⁷ it petear fierd oft it Frysk yn 2030 net allinne mooglik, mar ek fanselsprekend wêze kin. De measte ôfspraken yn dit haadstik binne al útfierd.

Stân fan saken ôfspraken rjochterlike autoriteiten

By de provinsje Fryslân wiene der soargen oer de gefolgen fan de Wet herziening gerechtelijke kaart (2013) foar it brûken fan it Frysk yn 'e rjochtbank. Punt fan omtinken bliuwt dat in soad Friezen (nog) gjin of wikselynd gebrûk meitsje fan harren wetlike rjocht om Frysk yn de rjochtseal te praten.

⁷ Mei it each op de steatsrjochtljke posysje fan de rjochtspraak, en de ûndertekjende partijen, kin dizze bestjoersôfspraak gjin ôfspraken yn hâlde oangeande de rjochtspraak. De provinsje sil mei de Rechtbank Noord-Nederland en it Hof Arnhem-Leeuwarden oerlizze. Ôfspraken dy't tusken de provinsje en de rjochtspraak makke wurde, wurde apart fêstlein.

HOOFDSTUK 3

Rechterlike autoriteiten, bestuurlijke autoriteiten en openbare diensten

Het hoofdstuk rechterlijke autoriteiten, bestuurlijke autoriteiten en openbare diensten gaat uit van de in de Wet gebruik Friese taal vastgelegde rechten met betrekking tot het gebruik van het Fries in het bestuurlijk en rechtsverkeer. In het kader van de afspraken in de BFTK wordt het gesprek gevoerd met betrokken autoriteiten⁷ of het Fries in 2030 niet alleen mogelijk, maar ook vanzelfsprekend kan zijn. Aan het merendeel van de afspraken in dit hoofdstuk is reeds uitvoering gegeven.

Stand van zaken afspraken rechterlijke autoriteiten

Vanuit de provincie Fryslân waren er zorgen over de gevolgen van de Wet herziening gerechtelijke kaart (2013) voor het gebruik van het Fries in de rechtbank. Aandachtspunt blijft dat veel Friezen (nog) geen of wisselend gebruik maken van hun wettelijke recht om Fries te spreken in de rechtszaal.

⁷ Gelet op de staatsrechtelijke positie van de rechtspraak en de partijen in de BFTK, kan de BFTK geen afspraken inhouden ten aanzien van de rechtspraak. In de BFTK is afgesproken dat de provincie Fryslân in gesprek treedt met de rechtbank Noord-Nederland en het gerechtshof Arnhem-Leeuwarden. Tussen de provincie en de rechtspraak te maken afspraken worden afzonderlijk vastgelegd.

Nulmjitting Frysk yn it rjochtsferkear

Om neiere en mear spesifike ôfspraken meitsje te kinnen mei de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert hat de provinsje mear ynsjoch nedich yn hoefier't Frysktaligen yn de praktyk gebrûk meitsje fan it rjocht om Frysk te praten yn de rjochtbank en it gerjochtshôf, yn Fryslân likegoed as dêrbûten. Neist kwantitative gegevens is mear ynsjoch nedich yn de motiven fan Frysktaligen om wol of net fan harren rjocht gebrûk te meitsjen om de Fryske taal yn de rjochtseal te brûken. Dêrta wurdt in nulmjitting útfierd.

Behearsking fan it Frysk troch rjochters en rjochtbankpersoneel by de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem – Ljouwert is foar de provinsje de winske situaasje. De provinsje Fryslân ferwachtet dat it de drompel foar ynwenners fan Fryslân ferleegje sil om yn in rjochtsitting Frysk te praten. De beskikberens fan meardere tolken Frysk kin ek bydrage oan in flotte planning fan de saken wêryn't op 'e sitting fan de rjochtbank of it hôf Frysk praat wurdt. De provinsje hat yn 2020 en 2021 middels beskikber steld om meardere tolken Frysk op te lieden. Dêrtroch binne der no trije offisjeel beëdigde tolken Frysk op it C1-nivo ynskreaun. Sûnt 1 july 2020 hawwe tolken ek de mooglikheid om har yn te skriuwen yn it Register beëdigde tolken en vertalers (Rbtv) op in leger nivo, it B2-nivo. Dêr is oant no ta foar de Fryske taal noch gjin gebrûk fan makke. De provinsje Fryslân wol ek ynsette op kampanje of foarljochting oangeande it Frysk, om mear bewustwurding by de boargers te kreëarjen oer harren rjocht om yn it Frysk (mûnling en skriftlik) te prosedearjen. De fergoedingskwestje oangeande gerjochtstolken is ek fan toepassing op de tolken Frysk.

Yn it kommissjedebat Rechtspraak op 30 septembar II. is de moasje Palland c.s. yntsjinne, dêr't it regear yn fersocht wurdt om yn oerlis mei de provinsje Fryslân ta in oplossing te kommen, wêrby't it praten fan de Fryske taal yn de rjochtbank troch belutsenen boarge is. De Minister voor Rechtsbescherming sil jo Keamer foar de simmer hjiroer ynformearje. Dêrby komt ek it gebrûk fan it Frysk yn it proses-ferbaal en it ynwurkingtreden fan artikel 14 fan de Wet gebrûk Fryske taal oan 'e oarder.

Nei de lêste gemeentlike weryndieling yn 2018 binne der yn Fryslân 18 gemeenten. De Fryske gemeenten dy't ûnder de Wet gebrûk Friese Taal (WGFT)

Nulmeting Fries in het rechtsverkeer

Om nadere en meer specifieke afspraken te kunnen maken met de rechtbank Noord-Nederland en het gerechtshof Arnhem-Leeuwarden heeft de provincie meer inzicht nodig in de mate waarin Friestaligen in de praktijk gebruikmaken van het recht om Fries te spreken in de rechtbank en het gerechtshof, zowel in als buiten Fryslân. Naast kwantitatieve gegevens is meer inzicht nodig in de motieven van Friestaligen om wel of niet van hun recht gebruik te maken om de Friese taal te gebruiken in de rechtszaal. Hiertoe wordt een nulmeting uitgevoerd.

Beheersing van het Fries door rechters en rechtbankpersoneel bij de rechtbank Noord-Nederland en het gerechtshof Arnhem-Leeuwarden is voor de provincie de gewenste situatie. Naar verwachting van de provincie Fryslân zal dat de drempel verlagen voor inwoners van Fryslân om tijdens een rechtszitting Fries te gaan spreken. De beschikbaarheid van meerdere tolken Fries kan ook bijdragen aan een vlotte planning van de zaken waarin ter zitting van de rechtbank of het hof Fries wordt gesproken. De provincie heeft in 2020 en 2021 middelen ter beschikking gesteld om meerdere tolken Fries op te leiden. Hierdoor zijn er nu drie officieel beëdigde tolken Fries ingeschreven op het C1-niveau. Sinds 1 juli 2020 hebben tolken ook de mogelijkheid om zich in te schrijven in het Register beëdigde tolken en vertalers (Rbtv) op een lager niveau, het B2-niveau. Hier is tot op heden voor de Friese taal nog geen gebruik van gemaakt. De provincie Fryslân wil ook inzetten op campagne of voorlichting rondom het Fries, om meer bewustwording bij de burgers te creëren over hun recht om in het Fries (mondeling en schriftelijk) te procederen. De vergoedingskwestie rondom gerechtstolken is ook van toepassing op de tolken Fries.

In het commissiedebat Rechtspraak op 30 septembar jl. is de motie Palland c.s. ingediend, waarin de regering wordt verzocht om in overleg met de provincie Fryslân tot een oplossing te komen waarbij het kunnen spreken van de Friese taal in de rechtbank door betrokkenen geborgd is. Dit overleg is gaande. De Minister voor Rechtsbescherming zal uw Kamer voor de zomer hierover informeren. Daarbij komt ook het gebruik van het Fries in het proces-verbaal en de inwerkingtreding van artikel 14 van de Wet gebrûk Friese taal aan de orde.

Na de laatste gemeentelijke herindeling in 2018 zijn er in Fryslân 18 gemeenten. De Friese gemeenten die onder de Wet gebrûk Friese taal (WGFT) vallen (uitgezonderd

falle (útsûndere binne de Waadgemeenten en Weststellingwerf) foldogge allegearre oan de ferplichting fan kêst 5 yn de WGFT. Dat hâldt yn dat der taalbelied formulearre en fêststeld is, rjochte op de befoarderling fan de Fryske taal. Dat jildt ek foar Wetterskip Fryslân. Gemeenten en Wetterskip Fryslân krije by it opstellen en de útfiering fan harren taalbelied stipe fan de Afûk. De provinsje stelt subsydzje foar Frysk taalbelied by gemeenten ek beskikber foar semy-oerheden yn de provinsje, lykas Wetterskip Fryslân, de Veiligheidsregio, de Meldkamer en desentralisearre rykstsjusten as it CJIB en de Belastingdienst. Yn de twadde helte fan 2020 en de earste helte fan 2021 binne mei de Ryksútfieringstsjinsten en mei alle 13 gemeenten petearen fierd oer it opstellen fan in wurkplan foar de langetermynaginda 2030 (LTA 2030). Ynset is in sterkere ferankering fan it Frysk yn belied en bestjoer.

Ek mei de oare bestjoersorganen en iepenbiere tsjinsten wurde petearen fierd om de posysje fan it Frysk fuort te sterkjen. Te tinken falt oan de Veiligheidsregio Noord-Nederland, de Meldkamer Noord-Nederland, it UWV en de FUMO. Fanwegen it karakter fan dy tsjinsten is oanhâldende stipe út it Ryk wei nedich foar in goede ferankering fan it Frysk yn it taalbelied fan dy organisaasjes.

Oangeande noch net folslein neikommen ôfspraken oangeande bestjoerlik en rjochterlik ferkear en iepenbiere tsjinsten sette provinsje en Ryk yn de restearjende rintiid fan de BFTK yn op it neilibjen fan neikommende ôfspraken:

- Kêst 3.2.1 Bestjoerlike weryndielings (Ryk/provinsje): dat is in trochrinnende wetlike ferplichting. De provinsje en Ryk sille yn it gefal fan weryndielings de nij te foarmjen gemeente wize op it belang fan in gemeentlik taalbelied.
- Kêst 3.2.3 Ymplementearje en aktualisearje taalbelied (provinsje): Utfieringsorganisaasjes wurde aktyf by it befoarderjen en ymplementearjen fan Frysk taalbelied behelle.
- Kêst 3.2.5 Feiligheidsregio Fryslân (provinsje): mei de Veiligheidsregio binne petearen fierd troch de provinsje en Afûk. Der binne ôfspraken makke oangeande bettere en fierdere ymplementaasje fan it Frysk yn it taalbelied by de Veiligheidsregio.

zijn de Waddengemeenten en Weststellingwerf) voldoen allen aan de verplichting van artikel 5 in de WGFT. Dat houdt in dat er taalbeleid geformuleerd en vastgesteld is gericht op de bevordering van de Friese taal. Dat geldt ook voor Wetterskip Fryslân. Gemeenten en Wetterskip Fryslân krijgen bij het opstellen en de uitvoering van hun taalbeleid ondersteuning van de Afûk. De provincie stelt subsidie voor Fries taalbeleid bij gemeenten ook beschikbaar voor semi-overheden in de provincie, zoals Wetterskip Fryslân, de Veiligheidsregio, de Meldkamer en gedecentraliseerde rijksdiensten als CJIB en de Belastingdienst. In de tweede helft van 2020 en de eerste helft van 2021 zijn met de Rijksuitvoeringsdiensten en met alle 13 gemeenten gesprekken gevoerd over het opstellen van een werkplan voor de langetermijnagenda 2030 (LTA 2030). Inzet is een sterkere verankering van het Fries in beleid en bestuur.

Ook met de andere bestuursorganen en openbare diensten worden gesprekken gevoerd om de positie van het Fries te versterken. Te denken valt aan de Veiligheidsregio Noord-Nederland, de Meldkamer Noord-Nederland, het UWV en de FUMO. Vanwege het karakter van deze diensten is blijvende steun vanuit het Rijk nodig voor een goede verankering van het Fries in het taalbeleid van deze organisaties.

Met betrekking tot nog niet volledig nagekomen afspraken met betrekking tot bestuurlijk en rechterlijk verkeer en openbare diensten zetten provincie en Rijk in de resterende looptijd van de BFTK in op de volgende naleving van afspraken:

- Artikel 3.2.1 Bestuurlijke herindelingen (Rijk/provincie): dit betreft een doorlopende wettelijke verplichting. De provincie en Rijk blijven in het geval van herindelingen de nieuw te vormen gemeente wijzen op het belang van een gemeentelijk taalbeleid.
- Artikel 3.2.3 Implementeren en actualiseren taalbeleid (provincie): Uitvoeringsorganisaties worden actief betrokken bij het bevorderen en implementeren van Fries taalbeleid.
- Artikel 3.2.5 Veiligheidsregio Fryslân (provincie): met de Veiligheidsregio zijn gesprekken gevoerd door de provincie en Afûk. Er zijn afspraken gemaakt wat betreft betere en verdere implementatie van het Fries in het taalbeleid bij de Veiligheidsregio.



Haadstik 4 Media

Dit haadstik út 'e Bestjoersôfspraak hat as útgangspunt dat it Ryk en de provinsje it oanslutend op it Europeeske Hânfêst as taak sjogge om Frysktalige regionale media yn hokker fernijende foarm dan ek as basisfoarsjenning mooglik te meitsjen. Oan alle ôfspraken yn dit haadstik is al útfiering jûn.

Stân fan saken ôfspraken media

Provinsjale Steaten fan Fryslân hawwe posityf advisearre yn it ramt fan de oanwizing fan Omrop Fryslân as regionale publike media-ynstelling. It Commissariaat voor de Media hat dat advys folge en de oanwizing fan Omrop Fryslân as regionale publike media-ynstelling foar Fryslân mei in perioade fan 5 jier ferlinge oant 2 septimber 2023. De oanwizing fan in ynstelling as regionale publike omrop jildt foar 5 jier. Yn ôfwiking dêrfan is besletten dat de oanwizings fan de 13 regionale omroppen (dêrûnder Omrop Fryslân) foar ien kear automatysk oant 31 desimber 2025 ferlinge wurdt om derfoar te soargjen dat dy oanwizings lykop rinne mei de konsesjeperioade fan de RPO. Fan 31 desimber 2025 ôf jildt wer de gebrûklike oanwizingsperioade fan 5 jier. Omrop Fryslân hat finansiering fan

Hoofdstuk 4 Media

Dit hoofdstuk uit de Bestjoersôfspraak heeft als uitgangspunt dat het Rijk en de provincie het aansluitend op het Europese Handvest als taak zien om Friestalige regionale media in welke vernieuwende vorm dan ook als basisvoorziening mogelijk te blijven maken. Aan alle afspraken in dit hoofdstuk is reeds uitvoering gegeven.

Stand van zaken afspraken media

Provinciale Staten van Fryslân hebben positief geadviseerd in het kader van de aanwijzing van Omrop Fryslân als regionale publieke media-instelling. Het Commissariaat voor de Media heeft dit advies gevolgd en de aanwijzing van Omrop Fryslân als regionale publieke media-instelling voor Fryslân met een periode van 5 jaar verlengd tot 2 september 2023. De aanwijzing van een instelling als regionale publieke omroep geldt voor 5 jaar. In afwijking daarvan is bepaald dat de aanwijzingen van de 13 regionale omroepen (waaronder Omrop Fryslân) eenmalig automatisch worden verlengd tot 31 december 2025 om ervoor te zorgen dat die aanwijzingen gelijklopen met de concessieperiode van de RPO. Vanaf 31 december 2025 geldt weer de gebruikelijke aanwizingsperiode van 5 jaar. Omrop Fryslân heeft

Ryk en provinsje krige, spesifyk foar de realisaasje fan de folsleine en alsidige programmearring. By de finansiering fan 'e kant fan it Ryk giet it om de reguliere ryksbydrage op grûn fan de Mediawet 2008, de bydrage fia de NPO en de projektsubsydze foar de folsleine en alsidige Frysktalige programmearring.


Omrop Fryslân is gearwurkingspartner yn it projekt Taalplan Frysk 2030. Se draacht by mei in famyljevlog en oare searjes foar bern en jongerein fan ferskate âldens. Ek hat sy it platfoarm Tsjil (earder: SkoalTV) oprjochte. Omrop Fryslân hat de fokus dêrby ferlein fan de learling (út de ûnderwiiskontekst wei) nei it bern (rjochte op oansluting by eigen (frijetiids) ynteressen).

Mei finansjele stipe fan de provinsje Fryslân hawwe de trije grutte Fryske mediabedriuwen (Omrop Fryslân, Leeuwarder Courant en Friesch Dagblad) in wurk-ûnderfiningsprogramma foar ôfstudearre sjoernalisten opset. It doel dêrfan is om in nije generaasje fan sjoernalisten yn de Fryske media te krijen dy't it gebrûk fan de Fryske taal behearskje en kennis hawwe oer de Fryske kultuer. De kosten fan it programma binne oer trije jier rekkene goed € 400.000,-. De provinsje draacht goed € 200.000,- by, de trije mediabedriuwen betelje mei-inoar de rest. De bydrage fan de provinsje wurdt op projektbasis oan Omrop Fryslân as subsydze-oanfreger beskikber steld. It programma set op 1 jannewaris 2022 útein.

financiering van Rijk en provincie ontvangen, specifiek ten behoeve van de realisatie van de volledige en veelzijdige programmering. Bij de financiering van rijkswege gaat het om de reguliere rijksbijdrage op grond van de Mediawet 2008, de bijdrage via de NPO en de project-subsidie ten behoeve van de volledige en veelzijdige Friestalige programmering.

Omrop Fryslân is samenwerkingspartner in het project Taalplan Frysk 2030. Zij draagt bij met een familievlog en andere series voor kinderen en jongeren in verschillende leeftijden. Ook heeft zij het platform Tsjil (eerder: SkoalTV) opgericht. Omrop Fryslân heeft de focus daarbij verlegd van de leerling (vanuit de onderwijscontext) naar het kind (gericht op aansluiting bij eigen (vrijetijds) interesses).

Met financiële steun van de provincie Fryslân hebben de drie grote Friese mediabedrijven (Omrop Fryslân, Leeuwarder Courant en Friesch Dagblad) een werkervaringsprogramma voor afgestudeerde journalisten opgezet. Het doel daarvan is om een nieuwe generatie van journalisten in de Friese media te krijgen die het gebruik van de Friese taal beheersen en kennis hebben over de Friese cultuur. De kosten van het programma zijn over drie jaar gerekend ruim € 400.000,-. De provincie draagt ruim € 200.000,- bij, de drie mediabedrijven betalen samen de rest. De bijdrage van de provincie wordt verstrekt op projectbasis aan Omrop Fryslân als subsidie-aanvrager. Het programma start op 1 januari 2022.



Haadstik 5

Kulturele aktiviteiten en foarsjennings

Yn it haadstik kulturele aktiviteiten binne ôfspraken opnommen oer de ferskate kulturele foarsjennings op it mêd fan de Fryske taal, dy't de provinsje ryk is. Op grûn fan syn rol as Taalskipper stimulearret de provinsje dat de Fryske taal ek yn de kulturele sektor oanwêzich is en ta utering komme kin. Foar it grutste part fan de ôfspraken yn dit haadstik jildt dat it om trochrinnende ôfspraken giet, of dat der al oan de ôfspraken foldien is.

Stân fan saken ôfspraken kulturele foarsjennings

Kultuer

Oangeande de ôfspraken foar kultuer yn it Frysk beropstoaniel, hat de provinsje Fryslân op trije wizen oan syn ynspanningsferplichting foar it Frysk yn syn advys oer de subsydje-oanfraach yn it ramt fan de BFTK foldien.

Provinsje Fryslân hat yn 'e perioade 2017-2020 € 1.276.000,- subsydje ferliend oan Tryater om in feitlike sprieding fan Frysk- en meartalige foarstellingen troch de provinsje mooglik te meitsjen. Tryater

Hoofdstuk 5

Culturele activiteiten en voorzieningen

In het hoofdstuk culturele activiteiten zijn afspraken opgenomen over de diverse culturele voorzieningen op het gebied van de Friese taal die provincie rijk is. Vanuit haar rol als Taalskipper stimuleert de provincie dat de Friese taal ook in de culturele sector aanwezig is en tot uiting kan komen. Voor het merendeel van de afspraken in dit hoofdstuk geldt dat het doorlopende afspraken betreft, of er reeds is voldaan aan de afspraken.

Stand van zaken afspraken culturele voorzieningen

Cultuur

Wat de afspraken voor cultuur in het Fries beroepstoneel betreft, heeft de provincie Fryslân op drie manieren voldaan aan haar inspanningsverplichting voor het Fries in haar advies over de subsidieaanvraag in het kader van de BFTK.

Provincie Fryslân heeft in de periode 2017-2020 € 1.276.000,- subsidie verleend aan Tryater om een daadwerkelijke spreiding van Fries- en meertalige voorstellingen door de provincie mogelijk te maken. Tryater heeft daardoor ook voorstellingen kunnen geven op

hat dêrtroch ek foarstellingen jaan kinne op plakken dêr't dat sûnder ekstra stipe net mooglik west hie.

Fryske Akademy

Yn 2019 hawwe Provinsjale Steaten besletten om de Fryske Akademy tydlik oant 2024 fan ekstra middels te foarsjen. Dat om in reorganisaasje mooglik te meitsjen en de Fryske Akademy de kâns te jaan om te fernijen. Dêr hawwe Provinsjale Steaten in tal betingsten oan keppele, lykas it oanstellen fan in nije direktuerbestjoerder en it oangean fan gearwurking mei partijen dy't ek (wittenskiplik) ûndersyk yn Fryslân útfiere. Dat neffens de advizen fan de Gateway Review en de Taskforce Fryske Akademy dy't yn 2018 en 2019 oan de provinsje oplevere binne. Op 16 april 2020 binne de Fryske Akademy en de KNAW in nije liëarringsoerienkomst oerienkommen. De Fryske Akademy bliuwt in ûnôfhinklike stifting. Mei de fernijde liëarringsoerienkomst tusken KNAW en Provinsje is fêstlein dat it subsidzje fan it Ministearje OCW fan 2021 ôf fia in desintralisaasje-útkearing oan de Provinsje Fryslân oan de Fryske Akademy beskikber steld wurdt.

Der wurdt yn it projekt Taalplan Frysk 2030 oansluting socht tusken it oanbod Fryske taal en kultuer en kultueredukaasje yn brede sin. Keunstwurk is as advysorganisaasje foar Fryske keunst en kultuer in gearwurkingspartner yn it projekt Taalplan Frysk 2030.

It Taalproduksjehûs hat in plak krige yn de organisaasje fan Explore the North. Explore the North en it Taalproduksjehûs hawwe ek út it Fonds Podiumkunsten en it Nederlands Letterenfonds bydragen krige om yn de kommende fjouwer jier harren organisaasje en programmearring fierder út te bouwen en it netwurk mei oare partners út binnen- en bûtenlân te fergrutsjen. Yn de beliedsperiode 2020-2024 sil it Taalproduksjehûs ynrjochte wurde en sil der wurke wurde oan it opsetten fan ferskate produksjes yn gearwurking mei jonge makkers op it mêd fan taal en literatuer. It Taalproduksjehûs sil dêryn nau mei de organisaasje fan Ljouwert Fryslân Unesco City of Literature gearwurkje.

De provinsje wol noch better stimulearje dat de kulturele sektor yn har kommunikaasje nei bûten ta ek gebrûk fan it Frysk makket. De provinsje nimt dat op yn subsidzjeregelingen op it mêd fan it Frysk foar de kulturele sektor, lykas bygelyks de regeling Frysk taalgebrûk.

plekken waar dit zonder extra steun niet mogelijk was geweest.

Fryske Akademy

In 2019 hebben Provinciale Staten besloten om de Fryske Akademy tijdelijk tot 2024 van extra middelen te voorzien. Dit om een reorganisatie mogelijk te maken en de Fryske Akademy de kans te geven om te vernieuwen. Hier hebben Provinciale Staten een aantal voorwaarden aan gekoppeld, zoals het aanstellen van een nieuwe directeur-bestuurder en het aangaan van samenwerking met partijen die ook (wetenschappelijk) onderzoek uitvoeren in Fryslân. Dit conform de adviezen van de Gateway Review en de Taskforce Fryske Akademy die in 2018 en 2019 aan de provincie zijn opgeleverd. Op 16 april 2020 zijn de Fryske Akademy en de KNAW een nieuwe liëringsovereenkomst overeengekomen. De Fryske Akademy blijft een onafhankelijke stichting. Met de hernieuwde liëringsovereenkomst tussen KNAW en Provincie is vastgelegd dat de subsidie van het Ministerie OCW vanaf 2021 via een decentralisatie-uitkering aan de Provincie Fryslân wordt verstrekt aan de Fryske Akademy.

Er wordt binnen het project Taalplan Frysk 2030 aansluiting gezocht tussen het aanbod Friese taal en cultuur en cultuureducatie in brede zin. Keunstwurk is als adviesorganisatie voor Friese kunst en cultuur een samenwerkingspartner binnen het project Taalplan Frysk 2030.

Het Taalproductiehuis heeft een plaats gekregen binnen de organisatie van Explore the North. Explore the North en het Taalproductiehuis hebben ook vanuit het Fonds Podiumkunsten en het Nederlands Letterenfonds bijdragen ontvangen om de komende vier jaar hun organisatie en programmering verder uit te bouwen en het netwerk te vergroten met andere partners uit binnen- en buitenland. In de beleidsperiode 2020-2024 zal het Taalproductiehuis ingericht worden en zal er gewerkt worden aan het opzetten van verschillende producties in samenwerking met jonge makers op het gebied van taal en literatuur. Het taalproductiehuis zal hierin nauw samenwerken met de organisatie van Leeuwarden Fryslân Unesco City of Literature.

De provincie wil nog beter stimuleren dat de culturele sector in haar communicatie naar buiten toe ook gebruik maakt van het Fries. De provincie neemt dat op in subsidieregelingen op het gebied van het Fries voor de culturele sector, zoals bijvoorbeeld de regeling Fries taalgebruik.

De organisaasje fan iepenloftspullen waard yn 2020 fia de subsidzjeregeling 'Iepenloftspullen 2020', dy't fan 2 maart 2020 oant en mei 27 maart 2020 iepen wie, stimulearre. In grut part fan dy foarstellingen is troch de koroanapandemy net trochgien. Provinsje Fryslân hat in ynventarisasje fan koroanaskea dien ûnder de iepenloftspullen. Dy skea wurdt út it earste koroanastipepakket fan it Ministearje fan OCW wei fergoede, sadat de iepenloftspullen net mei in efterstân út 'e koroanakrisis weikomme.

Fia subsidzjes oan Friesland Pop en Popfabryk hat provinsje Fryslân de organisaasje en útfiering fan 'Liet' en it dielnimmen oan 'Liet Ynternasjonaal' fasilitearre. Yn 2019 hat Ljouwert-Fryslân de titel fan Unesco krige foar City of Literature.

De organisaasje fan Ljouwert Fryslân Unesco City of Literature kin sjoen wurde as it ferfolch op Lân fan taal, wêrby't de Fryske taal, de streektalen en de mearstaligens fan de provinsje de haadrol spylje. De organisaasje makket ûnderdiel út fan in breed netwurk en soarget foar de ferbining fan it netwurk fan skriuwers en ynstellingen dy't wurkje oan taal en literatuer. Dat dogge sy op regionaal, nasjonaal en ynternasjonaal nivo. Fia it netwurk fan City of Literature wurdt der ek gearwurke oan de sichtberens fan de Fryske literatuer yn de iepenbiere romte. Der wurde gedichten ferfilme en foar in breed publyk tagonklik makke, yn gearwurking mei bygelyks it dichterskollektyf RIXT, mar ek mei Omrop Fryslân.

Yn it besikersintrum OBE wurde tentoanstellingen hâlden op it mêd fan taal en literatuer. Dêrneist docht OBE tsjinst as podium, letterlik troch de foarm fan it gebou, mar ek troch it multyfunksjonele gebrûk foar lêzings, eksposysjes en optredens.

It Fries Filmarchief hat begjin 2021 subsidzje krige foar it opsetten fan in Frysk audio-argyf. It audio-argyf befettet in skat oan film-/lûdsfragmenten oangeande de Fryske taal, wêrby't tocht wurde kin oan literatuer, lieten, sprutsen teksten, kabaret) dy't desennia oan Frysk taalgebrûk en sadwaande ek taalûntwikkeling hearre litte. Troch it beskikber stellen fan subsidzje kin der omtinken jûn wurde oan it Frysk en kinne dy boarnen foar it neiteam bewarre wurde.

De organisatie van iepenloftspullen werd in 2020 gestimuleerd via de subsidieregeling 'Iepenloftspullen 2020', die geopend was van 2 maart 2020 tot en met 27 maart 2020. Een groot deel van deze voorstellingen is door de coronapandemie niet doorgedaan. Provincie Fryslân heeft een inventarisatie van coronaschade gedaan onder de iepenloftspullen. Deze schade wordt vergoed vanuit het eerste coronasteunpakket van het Ministerie van OCW, zodat de iepenloftspullen niet met een achterstand uit de coronacrisis komen.

Via subsidies aan Friesland Pop en Popfabryk heeft provincie Fryslân de organisatie en uitvoering van 'Liet' en deelname aan 'Liet Ynternasjonaal' gefaciliteerd.

In 2019 heeft Leeuwarden – Fryslân de titel van Unesco ontvangen voor City of Literature. De organisatie van Leeuwarden Fryslân Unesco City of Literature kan gezien worden als het vervolg op Lân fan taal waarbij de Friese taal, de streektalen en de meertaligheid van de provincie de hoofdrol spelen. De organisatie maakt onderdeel uit van een breed netwerk en zorgt voor de verbinding van het netwerk van schrijvers en instellingen die werken aan taal en literatuur. Dit doen zij op regionaal, nationaal en internationaal niveau. Via het netwerk van City of Literature wordt er ook samengewerkt aan de zichtbaarheid van de Friese literatuur in de openbare ruimte. Er worden gedichten verfilmd en voor een breed publiek toegankelijk gemaakt, in samenwerking met bijvoorbeeld het dichterscollectief RIXT, maar ook met Omrop Fryslân.

In bezoekerscentrum OBE vinden tentoonstellingen plaats op het gebied van taal en literatuur. Daarnaast fungeert OBE als podium, letterlijk door de vorm van het gebouw maar ook door het multifunctionele gebruik voor lezingen, exposities en optredens.

Het Fries Filmarchief heeft begin 2021 subsidie ontvangen voor het opzetten van een Fries audio-archief. Het audio-archief bevat een schat aan opnames met betrekking tot de Friese taal, waarbij gedacht kan worden aan literatuur, liederen, gesproken teksten, cabaret) die decennia aan Fries taalgebruik en zodoende ook taalontwikkeling laten horen. Door het beschikbaar stellen van subsidie kan er aandacht geschonken worden aan het Fries en kunnen deze bronnen voor het nageslacht worden bewaard.

Ferfolchaksjes ôfspraken kulturele foarsjennings


Oangeande noch net folslein neikommen ôfspraken oangeande kulturele foarsjennings sette provinsje en Ryk yn de restearjende rintiid fan de BFTK yn op it neilibjen fan neikommende ôfspraken:

- It grutste part fan de kâsten giet oer trochrinnen-de ôfspraken oer û.o. Tresoar, it beroepstoaniel, de Fryske Akademy en kulturele aktiviteiten lykas iepenloftspullen. De provinsje en it Ryk geane troch mei de oerienkommen ynset op dy ôfspraken.
- Kêst 5.3.1 Fryske literatuer (provinsje): De provinsje hat 4 regelingen foar it skriuwen, oersetten, útjaan en oanfiterjen fan Fryske literatuer. De provinsje stipen Boeken fan Fryslân en Fryske literêre tydskriften.
- Kêst 5.4.3 Ferbining kennisinstellingen mei útfiering fan belied (provinsje): Wurdt op it stuit in fisy oer opsteld.
- Kêst 5.4.4 Taalproduksjehûs (Ryk/provinsje): Yn de beliedsperiode 2020-2024 sil it Taalproduksjehûs troch de provinsje ynrjochte wurde.

Vervolgacties afspraken kulturele voorzieningen

Met betrekking tot nog niet volledig nagekomen afspraken met betrekking tot culturele voorzieningen zetten provincie en Rijk in de resterende looptijd van de BFTK in op de volgende naleving van afspraken:

- Het merendeel van de artikelen betreft doorlopende afspraken over o.a. Tresoar, het beroepstoneel, de Fryske Akademy en culturele activiteiten zoals de iepenloftspullen. De provincie en het Rijk continueren de overeengekomen inzet op deze afspraken.
- Artikel 5.3.1 Friese literatuur (provincie): De provincie heeft 4 regelingen voor het schrijven, vertalen, uitgeven en promoten van Friese literatuur. De provincie ondersteunt Boeken van Fryslân en Friese literaire tijdschriften.
- Artikel 5.4.3 Verbinding kennisinstellingen met uitvoering van beleid (provincie): Wordt op dit moment een visie over opgesteld.
- Artikel 5.4.4 Taalproductiehuis (Rijk/provincie): In de beleidsperiode 2020-2024 zal het Taalproductiehuis ingericht worden door de provincie.



Haadstik 6

Ekonomyk en sosjaal libben

De Fryske taal is ûnderdiel fan alle aspekten fan it deistich libben. It haadstik sosjaal en ekonomyk libben yn de BFTK befettet ôfspraken oer it gebrûk fan it Frysk yn û.o. it bedriuwslibben en de soarch. Der wurdt noch folop útfiering jûn oan de ôfspraken dy't yn dat haadstik makke binne.

Stân fan saken ôfspraken ekonomyk en sosjaal libben

Provinsje Fryslân hat in fisy fêststeld foar it sichtberder en fanselsprekkender meitsjen fan it Frysk, wêrby't ek it Frysk yn it ekonomyk en sosjaal libben meinommen wurdt. Bygelyks it Frysk by de ryksútfieringstsjinsten en it Frysk yn de iepenbiere romte. Oan 'e hân fan de fisy wurdt in strategy útwurke om ek by bedriuwen yn de provinsje it gebrûk en it sichtber meitsjen fan de taal te stimulearjen. Der is in nulmjitting útfierd troch studinten fan de minor Frysk oan 'e NHL-Stenden Hogeschool om te sjen wêr't op it stuit de kânsen lizze foar it fergrutsjen fan de sichtberens en it stimulearjen fan de Fryske taal. Dy nulmjitting sil noch fierder útwurke en mei it Ryk diel wurde.

Hoofdstuk 6

Economisch en sociaal leven

De Friese taal is onderdeel van alle aspecten van het dagelijks leven. Het hoofdstuk sociaal en economisch leven in de BFTK bevat afspraken over het gebruik van het Fries in o.a. het bedrijfsleven en de zorg. Er wordt nog volop uitvoering gegeven aan de afspraken gemaakt in dit hoofdstuk.

Stand van zaken afspraken economisch en sociaal leven

Provincie Fryslân heeft een visie vastgesteld voor het zichtbaarder en vanzelfsprekender maken van het Fries, waarbij ook het Fries in het economisch en sociaal leven wordt meegenomen. Bijvoorbeeld het Fries bij de rijksuitvoeringsdiensten en het Fries in de openbare ruimte. Aan de hand van de visie wordt een strategie uitgewerkt om ook bij bedrijven in de provincie het gebruik en zichtbaar maken van de taal te stimuleren. Er is een nulmeting uitgevoerd door studenten van de minor Frysk aan NHL-Stenden Hogeschool om te kijken waar momenteel de kansen liggen voor het vergroten van de zichtbaarheid en het stimuleren van de Friese taal. Deze nulmeting zal nog verder worden uitgewerkt en gedeeld worden met het Rijk.

De provinsje ynvestearret struktureel yn 'Frysk yn 'e soarch'⁸. Reden dêrfoar is it emosjonele belang fan de memmetaal fan klanten of pasjinten yn soarchsituaasjes, dat hiel faak yn ûndersyk yn binnen- en bûtenlân oantoand is. Dêrby wurdt nau gearwurke mei de Afûk as útfieringsorganisaasje.

By COVID-19 hat de provinsje yn 'e mande mei it Network to Promote Linguistic Diversity (NPLD) in striptekening mei koroana-maatregels makke yn it Frysk en ek oare streektalen. Dy poster mei koroana-maatregels is breed oer de hiele provinsje ferspraat. By de (troch it ministearje fan VWS ûntwikkele) koroana-app en webside is it Frysk foar it earst as ien fan de talen meinommen.

Ferfolchaksjes ôfspraken ekonomysk en sosjaal libben Oangeande noch net folslein neikommen ôfspraken oangeande ekonomysk en sosjaal libben sette provinsje en Ryk yn de restearjende rintiid fan de BFTK yn op it neilibjen fan de neikommende ôfspraken:

- In part fan de kâsten giet oer trochrinnende ôfspraken. De provinsje en it Ryk geane troch mei de oerienkommen ynset op dy ôfspraken.
- De provinsje ynvestearret struktureel yn 'Frysk yn 'e soarch' op basis fan it feit dat de memmetaal fan klanten of pasjinten yn soarchsituaasjes fan belang is. Dat is yn ûndersyk yn binnen- en bûtenlân hiel faak oantoand. Dêrby wurdt nau gearwurke mei de Afûk as útfieringsorganisaasje.

De provincie investeert structureel in 'Frysk yn 'e soarch'⁸ op basis van het feit dat de moedertaal van klatnen of patiënten in zorgsituaties van belang is. Dat is in onderzoek in binnen- en buitenland heel vaak aangetoond. Daarbij wordt nauw samengewerkt met de Afûk als uitvoeringsorganisatie.

Tijdens COVID-19 heeft de provincie samen met het Network to Promote Linguistic Diversity (NPLD) een cartoonposter met corona-maatregelen gemaakt in het Fries en ook andere streektalen. Deze poster met coronamaatregelen is breed over de hele provincie verspreid. Bij de (door het ministerie van VWS ontwikkelde) corona-app en website is het Fries voor het eerst als één van de talen meegenomen.

Vervolgacties afspraken economisch en sociaal leven Met betrekking tot nog niet volledig nagekomen afspraken met betrekking tot economisch en sociaal leven zetten provincie en Rijk in de resterende looptijd van de BFTK in op de volgende naleving van afspraken:

- Een deel van de artikelen betreft doorlopende afspraken. De provincie en het Rijk continueren de overeengekomen inzet op deze afspraken.
- De provincie investeert structureel in 'Frysk yn 'e soarch' op basis van het feit dat het van belang is voor de moedertaal van klanten of patiënten in zorgsituaties, dat veelvuldig in onderzoek in binnenland en buitenland is aangetoond. Daarbij wordt nauw samengewerkt met de Afûk als uitvoeringsorganisatie.

⁸ <https://friesindezorg.frl/>

⁸ <https://friesindezorg.frl/>



Haadstik 7 Útwikseling oer de grinzen hinne

It lêste haadstik yn de BFTK giet oer útwikseling oer grinzen hinne. Der binne ôfspraken yn opnommen oer û.o. ynternasjonale projekten, útwikkelingen en foarljochting troch Nederlânske ambassaden.

Stân fan saken ôfspraken útwikseling oer grinzen hinne

Deputearre Poepjes hat fan juny 2017 oant desimber 2020 foarsitter west fan it Europeeske Network to Promote Linguistic Diversity (NLPD): in Europeeske platfoarmorganisaasje besteande út minderheidstaalregio's en guon fan harren organisaasjes. Doe't sy foarsitter wie hat de provinsje ek it Frysk aktyf yn de Europeeske kontekst posisjonearre kinnen. Dêrby kin bygelyks tocht wurde oan it yn oparbeidzjen mei de Rie fan Europa útbringen fan in ferklearring op de Europeeske dei fan de talen of oan it meiwurkjen oan in troch de Europeeske Kommisje organisearre ûnderwiistop.

Yn de perioade fan 2017-2020 hat de provinsje, foar it yn stân hâlden fan de aktiviteiten fan Mercator as

Hoofdstuk 7 Grensoverschrijdende uitwisselingen

Het laatste hoofdstuk in de BFTK betreft grensoverschrijdende uitwisseling. Hierin zijn afspraken opgenomen over o.a. internationale projecten, uitwisselingen en voorlichting door Nederlandse ambassades.

Stand van zaken afspraken grensoverschrijdende uitwisseling

Gedeputeerde Poepjes is van juni 2017 tot december 2020 voorzitter geweest van het Europese Network to Promote Linguistic Diversity (NPLD): een Europese platformorganisatie bestaande uit minderheidstaalregio's en sommige van hun organisaties. Gedurende haar voorzitterschapsrol heeft de provincie ook het Fries actief in de Europese context kunnen positioneren. Te denken valt bijvoorbeeld aan het samen met de Raad van Europa uitbrengen van een verklaring op de Europese dag van de talen of aan het meewerken aan een door de Europese Commissie georganiseerde onderwijstop.

In de periode van 2017-2020 heeft de provincie, voor het in stand houden van de activiteiten van Mercator als kenniscentrum, een subsidie verleend die onder

kennisintrum, in subsydzje ferliend dy't ûnder oare ynset is foar it bemachtigjen fan projekten mei Europeeske subsydzjes (Erasmus+, Marie Curie RISE, NWO). De ferbining tusken de wittenskiplike wrâld, beliedsûntwikkeling en taalbefoarding fan it Frysk is yn 2019 en 2020 binnen ûnderwiis- en learprojekten ta stân kommen. De provinsje hat as partner fan it NPLD it European Charter Classroom Activities (ECCA) projekt opset. Dat projekt moat de eigen taal yn fiif NPLD-regio's û.o. troch lessen oer it Europeesk Hânfêst posityf ûnder de oandacht bringe.

Ein 2019 waard troch de provinsje Fryslân yn Brussel foar de twadde kear de saneamde Fryslândeï georganisearre. Op dy dei kamen ferskate fertsjintwurdigers út oare Europeeske taalregio's byinoar om mei muzyk, gedichten en lêzings it ferskaat oan talen te fieren. By dy dei wie ek de kommissaris fan de Kening yn de provinsje Fryslân oanwêzich.

De provinsje Fryslân is behelle by oerlizzen tusken de provinsjes Grinslân en Drinte en ferskate útfierende ynstânsjes út oanbelangjende gebieten (Fryslân, Grinslân, Drinte, Nord- en Ostfriesland). Der liket by de regio's ferlet te wêzen fan in subsydzje foar langere tiid foar útwikselingsprojekten dy't oer de grinzen fan de regio's hinne geane.

Yn maart 2020 hawwe de kommissaris fan de Kening en de fakdeputearre mei in delegaasje fan Fryske bestjoerders in wurkbesite oan Lúksemboarch ôflein. Dat stie yn it teken fan kennisútwikseling oangeande meartaligens, wêrby't ferskate Lúksemboarchske organisaasjes op it mêd fan ûnderwiis, iepenbier bestjoer, kennis en wittenskip besocht binne. As de koroanasituasje it wer talit, wurdt Lúksemboarch foar in tsjinbesite útnûge.

Yn oktober 2021 hat deputearre Poepjes meidien oan de konferinsje oer nasjonale minderheden yn Boedapest. Dy makke diel út fan in rige fan konferinsjes organisearre troch Hongarije as tydlik foarsitter fan de Ried fan Europa. Troch oan de konferinsje mei te dwaan hat de provinsje Fryslân de bannen mei de taalminderheden yn East-Europa oanhelle, de best practices út Fryslân dield en kennis oer harren oanpak en wurkwize ynwûn.

andere is ingezet voor het verwerven van projecten met Europese subsidies (Erasmus+, Marie Curie RISE, NWO). De verbinding tussen de wetenschappelijke wereld, beleidsontwikkeling en taalbevordering van het Fries is in 2019 en 2020 tot stand gekomen binnen onderwijs- en leerprojecten. De provincie heeft als partner van het NPLD het European Charter Classroom Activities (ECCA) project opgezet. Dit project moet de eigen taal in vijf NPLD-regio's o.a. middels lessen over het Europees Handvest positief onder de aandacht brengen.

Eind 2019 werd door de provincie Fryslân in Brussel voor de tweede keer de zogenaamde Fryslândeï georganiseerd. Op deze dag kwamen verschillende vertegenwoordigers uit andere Europese taalregio's bijeen om met muziek, gedichten en lezingen de verscheidenheid van talen te vieren. Bij deze dag was ook de Commissaris van de Koning in de provincie Fryslân aanwezig.

De provincie Fryslân is betrokken bij overleggen tussen de provincies Groningen en Drenthe en verschillende uitvoerende instanties uit betreffende gebieden (Fryslân, Groningen, Drenthe, Nord- en Ostfriesland). Er lijkt bij de regio's behoefte aan een langdurige regio-overschrijdende subsidie voor uitwisselingsprojecten.

In maart 2020 hebben de Commissaris van de Koning en de vakgedeputeerde met een delegatie van Friese bestuurders een werkbezoek afgelegd aan Luxemburg. Dat stond in het teken van kennisuitwisseling omtrent meertaligheid, waarbij verscheidene Luxemburgse organisaties op het gebied van onderwijs, openbaar bestuur, kennis en wetenschap zijn bezocht. Indien de coronasituatie het weer toelaat wordt Luxemburg uitgenodigd voor een tegenbezoek.

In oktober 2021 heeft gedeputeerde Poepjes deelgenomen aan de conferentie over nationale minderheden in Boedapest. Deze maakte deel uit van een reeks van conferenties georganiseerd door Hongarije, als tijdelijk voorzitter van de Raad van Europa. Door deelname aan de conferentie heeft de provincie Fryslân de banden met de taalminderheden in Oost-Europa aangehaald, de best practices vanuit Fryslân gedeeld en kennis ingewonnen over hun aanpak en werkwijze.

Ferfolchaksjes ôfspraken útwikseling oer grinzen hinne

Oangeande noch net folslein neikommen ôfspraken oangeande útwikkelingen oer grinzen hinne sette provinsje en Ryk yn de restearjende rintiid fan de BFTK yn op it neilibjen fan de neikommende ôfspraken:

- Kêst 7.1.2 Mercator Kenniscentrum foar meartaligen en taallearen (provinsje): Yn de perioade fan 2017-2020 hat de provinsje, foar it yn stân hâlden fan de aktiviteiten fan Mercator as kennisintrum, in subsydzje ferliend, dy't û.o. ynset is foar it oanlûken of mei oanlûken fan û.o. projekten mei Europeeske subsydzjes.
- Kêst 7.1.3 Ynternasjonale projekten (provinsje): de provinsje giet troch mei de ynset op projekten dy't oer grinzen hinne geane, ûnder oare yn oparbeidzjen mei it NPLD.
- Kêst 7.1.4 Utwikselingsprojekten foar jongerein (provinsje): Falt ek ûnder de gearwurking mei it NPLD. Boppedat makket de provinsje mei de regeling ynternasjonale kontakten útwikkelingen foar jongerein mooglik.
- Kêst 7.1.5 Utwikseling oangeande taal, kultuer en ûnderwiis (provinsje): de provinsje bliuwt yn kontakt mei de oare Fryslannen en mei de oare noardlike provinsjes oangeande dy útwikkelingen. Der is ferlet fan it organisearjen fan útwikkelingen oer grinzen hinne tusken dy regio's op it mêd fan taal, kultuer en ûnderwiis.
- Kêst 7.1.6 Utbreiding aktiviteiten oer grinzen hinne (provinsje): By it fierder útwurkjen fan in oanpak hoe't it Frysk better yn ynternasjonaal perspektyf posisjonearre wurde kin, sil de provinsje Fryslân ek sjen nei oare minderheidstaalgebieten yn Europa of oare parten fan 'e wrâld. Der sil yn it bysûnder ek sjoen wurde nei mooglikheden om yn Ynterregferbân mei-inoar it taalaspect oan te pakken.
- Kêsten 7.1.7 Foarljochtingsbelied Nederlânske ambassaden (Ryk) en 7.1.8 Fryske taal en kultuer yn Europeeske gearwurkingsprogramma's (Ryk): it Ryk giet troch mei har yn te spannen foar de makke ôfspraak. It ministearje fan Ynlânske Saken sil, as dat nedich is, op grûn fan har koördinearjende taak yn it bysûnder omtinken freegje foar de makke ôfspraken.

Vervolgacties afspraken grensoverschrijdende uitwisseling

Met betrekking tot nog niet volledig nagekomen afspraken met betrekking tot economisch en sociaal leven zetten provincie en Rijk in de resterende looptijd van de BFTK in op de volgende naleving van afspraken:

- Artikel 7.1.2 Mercator Kenniscentrum voor meertaligheid en taalleren (provincie): In de periode van 2017-2020 heeft de provincie, voor het in stand houden van de activiteiten van Mercator als kenniscentrum, een subsidie verleend die o.a. is ingezet voor het verwerven of mede verwerven van o.a. projecten met Europese subsidies.
- Artikel 7.1.3 Internationale projecten (provincie): provincie blijft inzetten op grensoverschrijdende projecten, onder andere samen met het NPLD.
- Artikel 7.1.4 Uitwisselingsprojecten voor jongeren (provincie): Valt ook onder samenwerking met NPLD. Bovendien maakt de provincie met de regeling internationale contacten uitwisselingen voor jongeren mogelijk.
- Artikel 7.1.5 Uitwisseling m.b.t. taal, cultuur en onderwijs (provincie): de provincie blijft in contact met de andere Frieslanden en met de andere noordelijke provincies wat deze uitwisselingen betreft. Er is behoefte aan het organiseren van grensoverschrijdende uitwisselingen tussen deze regio's op het gebied van taal, cultuur en onderwijs.
- Artikel 7.1.6 Uitbreiding grensoverschrijdende activiteiten (provincie): Bij het verder uitwerken van een aanpak hoe het Fries beter in internationaal perspectief te kunnen positioneren zal de provincie Fryslân ook kijken naar andere minderheidstaalgebieden in Europa of andere werelddelen. Er zal in het bijzonder ook gekeken worden naar mogelijkheden om binnen Interreg-verband gezamenlijk het taalaspect op te pakken.
- Artikelen 7.1.7 Voorlichtingsbeleid Nederlandse ambassades (Rijk) en 7.1.8 Friese taal en cultuur binnen Europese samenwerkingsprogramma's (Rijk): het Rijk blijft zich inspannen voor de gemaakte afspraak. Het ministerie van Binnenlandse Zaken zal, indien nodig, vanuit haar coördinerende taak in het bijzonder aandacht vragen voor de gemaakte afspraken.



Haadstik 8 Konklúzje

Hoofdstuk 8 Conclusie

Provinsje en Ryk binne goed op gong mei de útfiering fan de makke ôfspraken yn de BFTK. Alle ôfspraken dy't makke binne, binne of útfierd of rinne al. Ryk en provinsje sille harren ynset fierder trochsette.

Neist de rinnende ôfspraken binne Ryk en provinsje it iens wurden oer in tal spearpunten dêr't yn de rest fan de rintiid fan de BFTK folop op ynset wurde sil. Beide partijen wolle ynsette op de sichtberens fan it Frysk, it Frysk yn de rjochtspraak en it Frysk yn it ûnderwiis. Wat de sichtberens oanbelanget hat de provinsje in fisystik opsteld, dêr't yn sribbe wurdt de sichtberens fan it Frysk yn de publike romte te fergrutsjen oant in maksimaal reëel nivo. Provinsje en Ryk binne dwaande in sichtberheidsakkoart te sluten om ek it Frysk yn bygelyks de rykskommunikaasje en op ryksgebouwen sichtberder te meitsjen.

Oangeande it Frysk yn de rjochtspraak is in njulmjitting úteinset om mear ynsjoch te krijen yn it brûken fan Frysk yn de rjochtbank en it gerjochtshôf. De beskikberheid fan meardere tolken Frysk is tige winsklik, mar behearsking fan it Frysk troch rjochters en rjochtbankpersoneel yn Ljouwert is ek tige wichtich. Der wurdt

Provincie en Rijk zijn goed op gang met de uitvoering van de afspraken gemaakt in de BFTK. Alle afspraken die gemaakt zijn, zijn of uitgevoerd of lopend. Rijk en provincie blijven hun inzet continueren.

Naast de lopende afspraken zijn Rijk en provincie een aantal speerpunten overeengekomen waar de rest van de looptijd van de BFTK volop op ingezet gaat worden. Beide partijen willen inzetten op de zichtbaarheid van het Fries, het Fries in de rechtspraak en het Fries in het onderwijs. Wat de zichtbaarheid betreft heeft de provincie een visiestuk opgesteld waarin wordt gestreefd de zichtbaarheid van het Fries in de publieke ruimte te vergroten tot een maximaal reëel niveau. Provincie en Rijk zijn bezig een zichtbaarheidsakkoord te sluiten om ook het Fries in bijvoorbeeld de rijkscommunicatie en op rijksgebouwen zichtbaarder te maken.

Aangaande het Fries in de rechtspraak is een nulmeting opgestart om meer inzicht te krijgen in het gebruik van Fries in de rechtbank en het gerechtshof. De beschikbaarheid van meerdere tolken Fries is zeer wenselijk, maar beheersing van het Fries door rechters en rechtbankpersoneel in Leeuwarden is ook erg belangrijk. Er

ynset op in kampanje oangeande it brûken fan Frysk yn de rjochtbank.

Omtinken foar it yn stân hâlden en fuortsterkjen fan de basisynfrastruktuer fan it Frysk yn it ûnderwiis bliuwt spearpunt. De ienmjitting fan de Taalplan Frysk-foarderings oangeande de beliedsdoelen Frysk yn it ûnderwiis is dêr tige wichtich yn. In trochgeande learline Frysk wurdt neistribbe, wêrby't it Frysk net allinne yn it primêr en fuortset ûnderwiis oanbean wurdt, mar ek yn de foarskoalske sektor it mbo, hbo, wo en so. Der is struktureel omtinken foar de bewustwurding yn alle ûnderwiissektoaren en foar de fer-skate doelgroepen.




wordt ingezet op een campagne rondom het gebruik van Fries in de rechtbank.

Aandacht voor het in stand houden en versterken van de basisinfrastructuur van het Fries in het onderwijs blijft spearpunt. De éénmeting van de Taalplan Frysk-vorderingen wat betreft de beleidsdoelen Fries in het onderwijs is hierin erg belangrijk. Een doorgaande leerlijn Fries wordt nagestreefd, waarbij het Fries niet alleen in het primair en voortgezet onderwijs wordt aangeboden, maar ook in de voorschoolse sector, het mbo, hbo, wo en so. Er is structureel aandacht voor de bewustwording binnen alle onderwijssectoren en voor de verschillende doelgroepen.

Taheakke: Fuortgongstabel ôfspraken

Dizze tabel toant foar alle paragrafen de fuortgong oangeande de ôfspraken dy't yn de [BFTK](#) makke binne.




1. Algemien	2. Underwiis	3. Oerheid	4. Media	5. Kultuer	6. Ekonomy	7. Ynternasjonaal	8. Slotbepalings
1.1	2.1.1	3.1.1	4.1	5.1.1	6.1.1	7.1	8.1
1.2	2.1.2	3.2.1	4.2	5.1.2	6.1.2	7.2	8.2
1.3	2.1.3	3.2.2	4.3	5.1.3	6.1.3	7.3	8.3
1.4	2.1.4	3.2.3	4.4	5.1.4	6.2.1	7.4	8.4
1.5	2.1.5	3.2.4	4.5	5.2.1	6.2.2	7.5	8.5
1.6	2.1.6	3.2.5	4.6	5.2.2	6.2.3	7.6	8.6
1.7	2.2.1	3.2.6	4.7	5.2.3		7.7	8.7
1.8	2.2.2	3.2.7	4.8	5.2.4		7.8	8.8
1.9	2.2.3	3.2.8		5.2.5			8.9
1.10	2.2.4			5.3.1			
1.11	2.2.5			5.3.2			
1.12	2.3.1			5.3.3			
1.13	2.3.2			5.3.4			
	2.3.3			5.4.1			
	2.3.4			5.4.2			
	2.3.5			5.4.3			
	2.5.1			5.4.4			
	2.5.2			5.5.1			
	2.6.1			5.5.2			
	2.6.2			5.5.3			
	2.6.3			5.5.4			
	2.6.4			5.5.5			
	2.6.5			5.5.6			
	2.6.6			5.5.7			
	2.7.1						
	2.7.2						
	2.7.3						
	2.7.4						
	2.7.5						
	2.8.1						
	2.8.2						
	2.8.3						
	2.8.4						
	2.8.5						
	2.8.6						
	2.8.7						

Folslein foldien	
Wurd't noch oan wurke	
Net foldien	

Bijlage: Voortgangstabel afspraken

Deze tabel toont per paragraaf de voortgang wat betreft de afspraken gemaakt in de [BFTK](#).

1. Algemeen	2. Onderwijs	3. Overheid	4. Media	5. Cultuur	6. Economie	7. Internationaal	8. Slotbepalingen
1.1	2.1.1	3.1.1	4.1	5.1.1	6.1.1	7.1	8.1
1.2	2.1.2	3.2.1	4.2	5.1.2	6.1.2	7.2	8.2
1.3	2.1.3	3.2.2	4.3	5.1.3	6.1.3	7.3	8.3
1.4	2.1.4	3.2.3	4.4	5.1.4	6.2.1	7.4	8.4
1.5	2.1.5	3.2.4	4.5	5.2.1	6.2.2	7.5	8.5
1.6	2.1.6	3.2.5	4.6	5.2.2	6.2.3	7.6	8.6
1.7	2.2.1	3.2.6	4.7	5.2.3		7.7	8.7
1.8	2.2.2	3.2.7	4.8	5.2.4		7.8	8.8
1.9	2.2.3	3.2.8		5.2.5			8.9
1.10	2.2.4			5.3.1			
1.11	2.2.5			5.3.2			
1.12	2.3.1			5.3.3			
1.13	2.3.2			5.3.4			
	2.3.3			5.4.1			
	2.3.4			5.4.2			
	2.3.5			5.4.3			
	2.5.1			5.4.4			
	2.5.2			5.5.1			
	2.6.1			5.5.2			
	2.6.2			5.5.3			
	2.6.3			5.5.4			
	2.6.4			5.5.5			
	2.6.5			5.5.6			
	2.6.6			5.5.7			
	2.7.1						
	2.7.2						
	2.7.3						
	2.7.4						
	2.7.5						
	2.8.1						
	2.8.2						
	2.8.3						
	2.8.4						
	2.8.5						
	2.8.6						
	2.8.7						

Volledig voldaan	
Wordt nog aan gewerkt	
Niet voldaan	

Kolofon

Fotografy

Omkaft

Leo Postma

Binnenwurk

Fotobureau Hoge Noorden

Omrop Fryslân

Siem Akkerman

Klaas Pot

Aad van Altena

Sipco Feenstra

Ypie Boersma

Colofon

Fotografie

Omslag

Leo Postma

Binnenwerk

Fotobureau Hoge Noorden

Omrop Fryslân

Siem Akkerman

Klaas Pot

Aad van Altena

Sipco Feenstra

Ypie Boersma